



# Nota Frysk taalbelied 2012 - 2015

<b>Ynhâldsopjefte</b>	2
<b>1 Ynlieding</b>	4
<b>2 Underwiis</b>	6
2.1 Foarskoals ûnderwiis	6
2.1.1 Beliedsfoarnimmens	6
Stân fan saken 2011	
Beliedsútgongspunten 2012-2015	
Ympulsen 2012-2015	
2.2 Basisûnderwiis	7
2.2.1 Beliedsfoarnimmens	7
Stân fan saken 2011	
Beliedsútgongspunten 2012-2015	
Ympulsen 2012-2015	
2.3 Fuortset ûnderwiis	9
2.3.1 Beliedsfoarnimmens	9
Stân fan saken 2011	
Beliedsútgongspunten 2012-2015	
Ympulsen 2012-2015	
2.4 Folwoeksenen ûnderwiis	10
2.4.1 Beliedsfoarnimmens	10
Stân fan saken 2011	
Beliedsútgongspunten 2012-2015	
Ympulsen 2012-2015	
<b>3 Bestjoer</b>	12
3.1 Evaluaasje gemeentlike foarskiednis	14
3.1.1 Evaluaasje taalbeliedsplan 1987	15
3.1.2 Evaluaasje nammejouwing	15
3.1.3 Evaluaasje Boargerlike Stand	16
3.1.4 Evaluaasje tapassing Awb	16
3.1.5 Evaluaasje Gedrachskoadebrûken Fryske taal	16
3.1.6 Beliedsfoarnimmens	16
Stân fan saken 2011	
Beliedsútgongspunten 2012-2015	
Ympulsen 2012-2015	
3.2 Kommunikaasje en Foarljochting	18
3.2.1 Mûnlinge foarljochting	18
3.2.2 Skriftlike foarljochting	18
3.2.3 Frysk op, yn of by gemeentlike eigendommen	19
3.2.4 Beliedsfoarnimmens	19
Stân fan saken 2011	
Beliedsútgongspunten 2012-2015	
Ympulsen 2012-2015	
3.3 Yntern Frysk by de gemeente	20
3.3.1 Beneamingsbelied/Personielsbelied	20
3.3.2 Frysk yntegrearje yn de amtlike organisaasje	21
3.3.3 Beliedsfoarnimmens	22
Stân fan saken 2011	
Beliedsútgongspunten 2012-2015	
Ympulsen 2012-2015	
<b>4 Kultuer</b>	24
4.1 Beliedsfoarnimmens	24
Stân fan saken 2011	
Beliedsútgongspunten 2012-2015	
Ympulsen 2012-2015	

<b>5</b>	<b>Media</b>	25
5.1	Beliedsfoarnimmens	25
	Stân fan saken 2011	
	Beliedsútgongspunten 2012-2015	
	Ympulsen 2012-2015	
<b>6</b>	<b>Sosjaal-kultureel wurk/ Wolwêzen</b>	26
6.1	Beliedsfoarnimmens	26
	Stân fan saken 2011	
	Beliedsútgongspunten 2012-2015	
	Ympulsen 2012-2015	
<b>7</b>	<b>Sûnenssoarch</b>	27
7.1	Beliedsfoarnimmens	27
	Stân fan saken 2011	
	Beliedsútgongspunten 2012-2015	
	Ympulsen 2012-2015	
<b>8</b>	<b>Gearfetting beliedsfoarnimmens</b>	28
<b>Taheakke</b>	<b>1) Noaten</b>	32
	<b>2) Oersetferoarding</b>	33

## Blêdwizer

De yndieling fan dizze nota Frysk taalbelied is krekt-en-allyk as de âlde nota fan 2003-2006.

Yn de ynhâldsopjefte is te sjen dat efter alle 'âlde' beliedsfoarnimmens de stân fan saken fan 2011 en ympulzen foar 2012-2015 oanjûn wurde. Dizze parten binne troch in ramt werkenber makke.

## 1. YNLIEDING

Yn it koalysjeprogramma 2010-2014 is oanjûn dat it Frysk taalbelied aktualisearre wurde sil yn dizze riedsperioade werby oansluting socht wurde moatte by it taalbelied fan de omlizzende gemeenten. Om't de âlde taalnota tige wurdearre is troch oare gemeenten, de provinsje en de Afûk, hawwe wy keazen foar in evaluaasje mei útstellen foar nije ympulzen en útfieringsmooglikheden foar de perioade 2012-2015. Mei omlizzende gemeenten is kontakt west. Hja moatte noch oan de gong mei it nije taalbelied. Der is wol ynteresse foar it belied fan Dongeradeel.

By in takomstige weryndieling fan gemeenten sil der rekkening hâlden wurde moatte mei de bepalings yn it Europeesk Hânfêst. Dit betsjut dat it besteande nivo fan taalrjochten fan de Fryske taal foar de ynwenners fan in dielnimmende gemeente net ferminderje mei.

In earste oanset foar mear oandacht foar it Frysk yn ús gemeente is dellein yn de troch de gemeenteried yn desimber 2001 fêststelde Kultuernota 2002-2005. Yn dy nota wurde, fanút de gedachte fan in "stapke-foar-stapke belied", ympulzen jûn oan de maatskiplike gebieten ûnderwiis, foarskoalse opfang, kultuer en âlderenbelied troch it fêststellen fan de "menukaart Frysk taalbelied". Dy en ek oare maatskiplike gebieten binne yn de Nota Frysk taalbelied 2003-2006 konkreter útwurke. Yn de Kultuernota is fierders it beliedsútgongspunt dellein om nij belied te formulearjen op it mêd fan de relaasje bestjoer en it brûken fan de Fryske taal. Dit aspekt is ek neier útwurke yn 'e nota 2003-2006.

It nije belied is dellein yn de Nota Frysk taalbelied 2003-2006 en moast stadichoan ta in fansels wêzen fan en in positive wurdearring en hâlding foar it brûken fan it Frysk liede. Twataligens yn Dongeradeel moast troch it nije belied sichtber makke wurde. Op wei nei lykweardigens soe it brûken fan it Frysk aktyf stipe wurde.

Utgongspunten fan dit belied wienen it besteande belied, de twataligens yn Fryslân, de lykweardige posysje fan it Frysk en it Nederlânsk, de dielde ferantwurdlikheid foar it Frysk yn it offisjele ferkear, de frijheid fan taalkar en it begjinsel fan folgjend taalgedrach.

Sintrale fraach yn dit beliedsplan wie hoe't it Frysk en it Nederlânsk op in noflike en oansprekkende manier, njonken inoar brûkt wurde kinne yn de gemeente, ek yn relaasje ta de op de klant rjochte organisaasje.

By de opstelling fan it beliedsplan wurde oansluting socht by it menusysteem sa't dat hantearre wurdt yn it Europeesk Hânfêst foar regionale of minderheidstalen.

Yn de rin fan de foarige ieu mar benammen de lêste jierren hat it Frysk neist it Nederlânsk in hieltiten folweardiger plak krigen yn it offisjele ferkear.

Troch de wei fan de Nota Frysk Taalbelied 2003-2006 hat de gemeente in perioade in warber belied fiert. In diel fan dit belied is troch de amtlike organisaasje eigen makke. Troch de grutte dielname oan kursussen binne der mear amtners dy 't it Frysk aktyf yn 'e macht hawwe. Fryske brieven wurde yn deselde taal beändere, der is mear Frysk yn riedsstikken en yn de iepenbiere romte. It Frysk hat yn it offisjele ferkear de lêste jierren in grutter plak krigen en de gemeente hat in Yntinsjeferkearring Frysk taalbelied slúten mei de Provinsje yn 2006. Dizze is hjirby taheakke.

Neist it brûken fan it Frysk troch in protte ynwenners kin neamd wurde dat troch it partikulier inisjatief insidintele aktiviteiten organisearre wurde: promoasje fan it "Fryske Boek", Fryske literêre jûnen yn de iepenbiere bibleteek, kolleksje Fryske boeken yn de iepenbiere bibleteek, mar ek wurde troch tonielferienings stikken yn it Frysk opfierd. Jierliks jout de gemeente in subsydzjebedrach oan AFUK foar maksimaal 2 kursussen foar groepen net-Friezen en wurdt it "Tomke-projekt" stipe dat rjochte is op (Fryske) taalúntwikkeling yn it foarskoalske tiidrek.

Ut in ynventarisaasje fan it brûken fan it Frysk docht dochs bliken dat noch altiten de measte ynwenners fan ús gemeente it Frysk as harren memmetaal hawwe. Yn de stêd Dokkum waard it dialekt Dokkumers eartiids ek in protte praat, dit wurdt net folle mear brûkt. Der wurdt yn de húshâldings net mear automatysk Frysk praat. Dochts bliuwt Dongeradeel in Frysktalige gemeente. Dat litte ek de sifers sjen út de Fryske Taalatlas 2007 en 2011.

Yn maaie 2011 ferskynde de lêste ferzje fan de Fryske Taalatlas fan de provinsje Fryslân, in ferfolch op de útjefte fan 2007. De taalatlus jout in oersjoch fan it nivo fan it brûken en it behearskjen fan it Frysk. De measte ynformaasje yn de taalatlus komt út in grutskalich ûndersyk dat de provinsje begjin 2011 útfierd hat ûnder ynwenners fan de provinsje. Der binne 27.600 fragelisten ferstjoerd; de respons wie sa'n 50%. Dêrmei is de hifking represintatyf te neamen.

Neffens de Fryske Taalatlas hat 70 oant 80% fan de respondinten út Dongeradeel it Frysk as memmetaal. It gemiddelde yn Fryslân leit tusken de 50 en 60%.

Fierder kin yn Dongeradeel 90 oant 100% fan de respondinten it Frysk ferstean en praat 80 oant 90% Frysk. Foar Fryslân oer it generaal wie dat foar it ferstean ek 90 oant 100%, mar foar it praten lei dat wat leger, sa tusken de 70 en 80%.

Fan de ynwenners fan Dongeradeel praat 60 oant 70% Frysk mei de partner en ek 60 oant 70% praat Frysk tsjin de bern. Foar Fryslân jildt foar beide in gemiddelde fan ûngefear 50%.

Tusken de 50 en 60% fan de ynwenners fan Dongeradeel kin Frysk lêze en 10 oant 20% kin it ek skriuwe. It gemiddelde fan Fryslân kaam foar it lêzen út op ûngefear 49%; foar it skriuwen kaam it op ûngefear 12%.

De taalsitewaasje liket ridlik konstant te bliuwen, as wy 2007 mei 2011 ferlikenje. De sifers fan 1980 en 1994 binne fan hiel Fryslân en 2007 en 2011 allinne fan Dongeradeel. (út Taal yn Fryslân, op 'e nij besjoen, útjûn troch de Fryske Akademy yn 1995 en de Fryske Taalatlas fan 2007 en fan 2011)

	Fryslân 1980	Fryslân 1994	Dongeradeel 2007	Dongeradeel 2011
Memmetaal Frysk	54%	55%	73%	70-80%
Frysk ferstean kinne	94%	94%	93%	90-100%
Frysk prate kinne	73%	74%	82%	80-90%
Frysk lêze kinne	65%	64%	52%	50-60%
Frysk skriuwe kinne	11%	17%	12%	10-20%

Troch de tanimmende mobiliteit wenje der hieltiten mear Nederlânsk- en oarstalige minsken yn Dongeradeel.

Ek is de oandacht fan de gemeente foar it konsekwint brûken fan it Frysk neffens ús wat fuortsakke. Reden genôch om it taalbelied fan de gemeente Dongeradeel nei acht jier ris op te skjinjen en oan te passen oan de hjoeddeistige tiid.

Der is sjoen nei de stân fan saken op dit stuit (2011), en as dit oanlieding jout foar nije ympulzen. Fierders jouwe wy oan hoe 't wy dy ympulzen realisearje wolle yn de perioade oant en mei 2015. It mei dúdlik wêze dat hjir in wichtige rol welein is foar de gemeentlike organisaasje. In grut diel fan de oandacht giet dan ek út nei in tanimming fan it brûken fan de Fryske taal yn en troch de eigen organisaasje. It hjirfoar opstelde Kommúnikaasjeplan, taheakke yn dizze nota, wurdt dêr as ynstrumint foar ynset.

Dokkum, Febrewaris 2012

Boargemaster en wethâlders fan Dongeradeel

## 2. UNDERWIIS

Sintrale fraach yn dit haadstik is: Hoe kinne it Frysk en it Nederlânsk yn it domein 'ûnderwiis' op in oansprekkende manier, njonken inoar brûkt wurde yn de gemeente? De fraach wurdt yn de ferskillende ûnderwiisfoarmen foar de ferskillende leeftiidsgroepen ferskillend ynfold. Per ûnderwiissoart wurdt dêrom in apart útgongspunt formulearre en wurde de foarnimmens neamd, dy't útfierd wurde moatte.

Twataligens is goed foar de taal-, de sosjale en de yntellektuele ûntjouwing fan bern en draacht by oan har identiteitsûntwikkeling. Yn it algemien kin sein wurde dat it gemeentlik belied der op rjochte is om alle learlingen ta te rieden op it funksjonearjen yn in twatalige Frysk-Nederlânske maatskippij. It ûnderwiis moat him dêrom net allinnich beheine ta it bieden fan mooglikheden foar learlingen yn harren thústaal.

De gemeente hat op it mêd fan it ûnderwiis allinnich in inisearjende en stimulearjende taak.

### 2.1 Foarskoals ûnderwiis

#### Omskriuwing hjoeddeistige situaasje

De ferantwurdlikheid foar it foarskoals ûnderwiis is neffens de Welzijnswet 1994 desintralisearre nei de gemeenten.

Der binne yn ús gemeente 12 pjutteboartersplakken en ien derfan, De Krûpelhintsjes yn Dokkum, is Frysktalich. Dêrneist is in profesjonele organisaasje foar berne-opfang yn Dokkum. Al dy organisaasjes krije subsydje fan de gemeente. Yn de betingsten is gjin oandacht foar it brûken fan it Frysk. Yn it ramt fan ûnderwiis efterstânsbelied bekostiget de gemeente it Tomke-projekt, in provinsjaal taalbefoarderingsprojekt foar pjutten. De pjuttbuortersplakken en de berne-opfang krije materiaal oanrikt yn it Frysk om it brûken fan de twadde rykstaal te stypje en te stimulearje mei oandacht foar de twa- en/of meartaligens.

#### Beliedsútgongspunt

Alden moatte kieze kinne yn hokker taal har bern opheind wurde.

Fan meiwurkers yn de berne opfang wurdt dan ek ferwachte dat hja harren fierder bekwame wat de eigen taalfeardeichheid oanbelanget en op it mêd fan psychologyske en pedagogysk-didaktyske aspekten fan twataligens.

#### 2.1.1 Beliedsfoarnimmens

1. Yn 'e kwaliteitseasken foar bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken omtinken foar it brûken fan it Frysk en de twataligens yn de opfieding. Der moat foldwaande materiaal wêze om foar te lêzen en te sjongen yn beide talen.
2. In jierliks budzjet beskikber stelle fan euro 4.560 foar it oanskaffen fan materiaal, it by-oplieden en kursussen foar lieding.
3. De kommende jierren sil it Tomke-projekt stipe wurde.

#### **Stân fan saken 2011**

De ferantwurdlikheid foar it foarskoalske ûnderwiis leit by de gemeente. Dat begjint al by de berte mei it oanbieden fan it Fryske taaltaske by alle berte-oanjeften.

Der binne op dit stuit 11 pjutteboartersplakken yn ús gemeente en ien dêrfan, de Krûpelhintsjes yn Dokkum, is Frysktalich. SISA biedt dêrneist berne-opfang oan yn Dokkum. De Stichting Peuterspeelzaalwerk wurdt subsidiearre troch de gemeente. Yn de betingsten is gjin oandacht jûn oan it brûken fan it Frysk.

Yn it ramt fan ûnderwiisefterstannebelied betellet de gemeente it Tomke-projekt: in provinsjaal taalbefoarderingsprojekt foar pjutten. De pjutteboarterssealen en de berne-opfang krije materiaal oanrikt yn it Frysk om it brûken fan de twadde rykstaal te stypjen en te stimulearjen mei oandacht foar de twa- en/of meartalichheid.

De beliedsnota "Integraal taalbeleid: Meertaligheid in de doorgaande lijn" is troch de gemeenteried fêststeld yn april 2011 en spilet dêr op yn.

## **Beliedsútgongspunten 2012-2015**

Alders moatte kieze kinne yn hokker taal oft harren bern opfongen wurde.

Fan meiwurkers yn de berne-opfang en it pjutteboarterssealwurk wurdt dan ek ferwachte dat hja harren fierder talizze op de eigen taalfeardigens en op de psychologyske en pedagogysk didaktyske kanten fan twataligens.

### **Ympulzen 2012-2015**

1. Yn de kwaliteitseasken foar bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken moat ek Frysk brûkt wurde en de twataligens yn de opfieding stimulearre wurde. Om dat foarinoar te krijen kin tocht wurde oan it opstellen fan in taalbeliedsplan foar pjutteboarterswurk yn gearwurking mei Sintrum Frysktalige Berne-opfang (SFBO).
2. Noed stean foar genôch materiaal om foar te lezen en te sjongen yn de beide talen. In foarbyld dêrfan kin wêze it noed stean foar it oersetten fan (boartersûntdek-)boeken fan it foarskoalske taalstimulearringsprogramma Boekenpret yn it Frysk, foar alle pjutten yn de gemeente. \*
3. Pjutteboartersplakken en berne-opfang stimulearje om mei te dwaan oan it sertifisearringstrajekt foar Frysk- of twatalich belied en foar twatalige bernedeiferbliuwplakken ûnder begelieding fan SFBO.\*
4. Jild beskikber stelle foar it oantúgjen fan materiaal, it byspikerjen en kursussen foar de lieding.
5. De kommende jierren sil it Tomke-projekt in stipe krijen bliuwe.

\* Dy ympulzen binne ek opnaam yn de beliedsnota Yntegraal taalbelied.

## **2.2 Basisûnderwiis**

### Omskriuwing hjoeddeistige situaasje

Binnen it basis- en fuortset ûnderwiis is it Frysk wetlik ferplichte. De ynfolling fan it fak Frysk makket diel út fan it struktureel oerlis mei oanbelangjende skoallen.

Op 31 maart 1998 is de 'Wet op het Primair Onderwijs' fan krêft wurden, wêryn't ek de bepalings oangeande it fak Frysk en it brûken fan it Frysk as fiertaal opnommen binne.

Bepalend foar de ynhâld fan it ûnderwiisoanbod binne de keardoelen dy't yn 1993 fêststeld binne. De ûnderwiisynspeksje is neffens it provinsjale "Plan fan oanpak Frysk yn it ûnderwiis" ta de konklúzje kommen dat de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk oer it algemien net sa bêst is.

De basisskoallen "de Tarissing", "de Tsjelke" en "Ids Wiersmaskoalle" binne trijetalige skoallen. Dit betsjut dat sawol it Nederlânsk, it Frysk as it Ingelsk brûkt wurdt as sprektaal. Op dy skoallen wurdt it Frysk mear as gemiddeld brûkt.

Yn it ramt fan it ûnderwiisefterstânsbelied meitsje de skoallen in taalbeliedsplan.

### Beliedsútgongspunt

Der nei stribje om de keardoelen Frysk te heljen en it fieren fan in aktyf taalbelied yn 'e sin dat der ôfspraken makke wurde oer it brûken fan it Frysk en it Nederlânsk.

Yn it ramt fan ûnderwiis efterstânsbelied giet it om it behearskjen fan de Nederlânske taal en it bestriden fan efterstânen dêryn. Om't wy yn Fryslân te krijen hawwe mei in twatalige situaasje sille de skoallen dy't harren dwaande hâlde mei it taal- en lêsbilied, ek foarljochting krije oer it omgean mei it Frysk. De skoallen moatte sels fierder ynhâld jaan oan it Frysk yn 'e skoallesituaasje.

### **2.2.1 Beliedsfoarnimmens**

1. Eventuele nei-oplieding foar it ûnderwiis yn it Frysk betelje út de ryksfergoeding. It bysûnder ûnderwiis stimulearje dy koers te folgjen. Learkrêften dy't gjin tarikkende en mei goed gefolch ôfrûne oplieding Frysk folge hawwe, moatte ree wêze om oan dy eask te foldwaan.
2. De gemeente trunet de basisskoallen oan, om yn harren skoalleplan mar ek yn in taalbeliedsplan in paragraaf op te nimmen oer harren Fryske taalbelied, sadat dúdlik wurdt hokker plak it Frysk yn skoalle hat en mooglik krije sil. Skoallen kinne ek oanjaan yn hoefier en op hokker manier hja de keardoelen Frysk útfiere wolle. Dêrop foarútrinnend nimmen wy in PM-post op yn dizze nota.
3. De gemeente trunet de basisskoallen der fia de bestjoeren en it lokaal ûnderwiisplatoarm op oan, om omtinken te jaan oan de eigen skiednis en kultuer. GCO-Fryslân hat dêr gaadlik materiaal foar ûntwikkele.
4. Stimulearjen fan it gebrûk fan ICT om it Frysk te learen.

5. Der wurdt besocht alle basisskoallelearlingen ûngefear deselde feardichheden op it mêd fan Frysk lêzen en skriuwen by te bringen, foardat sy trochstreame nei de basisfoarming.
6. De skoallen stimulearje om de provinsjale fergoeding taalûnderwiis te brûken foar materiaal dat oanslûte op de Skoalleradio en TV programma's. (De skoallen moatte oer de provinsjale fergoeding alle jierren ferantwurdig ôflizze.)

### **Stân fan saken 2011**

Yn de gemeente binne 23 basisskoallen dy 't elk ferantwurdlik binne foar harren eigen taalbelied. As it ûnderwiis yn it Frysk of yn in oare twadde of tredde taal sa as it Ingelsk konsekwint en yn gearhing mei it Nederlânsk oan de oarder komt, hat dat in protte foardielen foar de taalûntwikkeling fan in bern. Dy manier fan ûnderwizen stiet sintraal op de saneamde trijetalige skoallen. Dêr binne der trije fan yn ús gemeente dy 't sertifisearre binne of in ein op wei binne om dit sertifikaat te heljen. De skoalle kriget begelieding by dit trajekt fan it Taalsintrum Frysk van Cedin. It giet hjir om de Tsjelke te Holwert, De Ids Wiersmaskoalle te Brantgum en De Griffel te Ljussens. Op dy skoalen wurdt de taallinigen oefene en de bern wurde dêrtroch fan jongs ôf oan leard om harren mear talen eigen te meitsjen en hieltiten taalfeardiger te wurden. Dat sil bygelyks fan ynfloed wêze op it learen fan moderne talen op it fuortset ûnderwiis. Mar de bern wurde ek taret op de hjoeddeiske meartalige maatskippij en krije dus mear kâns foar de takomst.

Neist de foardielen fan in meartalige opfieding foar it taalgefoel fan de bern is oandacht foar de twatalige situaasje yn ús gemeente fan grut belang. It is tige wichtich dat der op de basisskoalle en ek dêrfoar omtinken is foar de memmetaal fan it bern. En yn ús regio is de memmetaal gewoanwei net allinne it Nederlânsk. Troch dêr oandacht oan te jaan krije Frysktalige bern mear kennis fan it Nederlânsk en Nederlânsktalige bern mear kennis fan it Frysk. Dêrtroch wurde beide talen lykweardich oan elkoar, wat foar it behâld fan it Frysk as minderheidstaal tige wichtich is.

Yn it basis- en fuortset ûnderwiis is it Frysk wetlik ferplichte. Op 31 maart 1998 is: de "Wet op het Primair Onderwijs" fan krêft wurden: dêr steane ek de bepalings yn foar wat it fak Frysk oangiet en ek bepalings foar it brûken fan it Frysk as fiertaal binne opnaam. Beskiedend foar de ynhâld fan it ûnderwiis oanbod binne de keardoelen dy 't yn 1993 fêststeld binne.

### **Beliedsútgongspunten 2012-2015**

Dernei stribje om de keardoelen te heljen en it fieren fan in aktyf taalbelied, sadat der ôfspraken makke wurde oer it brûken fan it Frysk en it Nederlânsk.

Yn it ramt fan it ûnderwiisefterstannebelied giet it om it behappen fan de Nederlânske taal en it bestriden fan efterstannen dêryn. Om 't wy yn Fryslân te krijen hawwe mei in twatalige situaasje sille de skoallen dy 't dwaande binne mei it taal- en lêsbilied, ek foarljochting krije oer it omgean mei de Fryske taal. De skoallen moatte sels fierder ynhâld jaan oan it Frysk yn de skoalske situaasje.

In mear útwreide taljochting op yntegraal taalbelied fan de gemeente Dongeradeel stiet ferwurde yn de beliedsnota "Meertaligheid in de doorgaande lijn, nota integraal taalbeleid 2011-2014".

### **Ympulzen 2012-2015**

1. Skoallen stimulearje om harren om te foarmjen nei in Trijetalige Skoalle, sadat op 'en doer de helte fan de basisskoallen Trijetalich wurde. Stimulearje om skoallen dy 't ek in pjutteboartersplak yn it oanfiergebiet hawwe, dêrfoar te ynteressearjen. Om de skoallen optein te krijen sil der in foarljochtingsbyienkomst organisearre wurde dêr't ek it pjutteboarterswurk, berne-opfang en it fuortset ûnderwiis útnoege wurde. In oanset is dêr al foar jûn yn it ûnderwiis oerlis LEA (Lokale Educatieve Agenda) fan it ôfrûne jier.\*
2. Dêrneist wolle wy in saneamde Taalwurkgroep oprjochtsje dêr 't alle dielnimmende partijen yn fertsjintwurdige binne. Yn dizze wurkgroep kin it belied folge wurde en kinne ûnderfinings dield wurde. It soe in goed ding wêze as der in besteande Trijetalige Skoalle mei dwaan soe yn in lûkersrol\*.

\* Dy ympulzen binne ek opnommen yn de beliedsnota yntegraal taalbelied.



## 2.3 Fuortset ûnderwiis

### Omskriuwing hjoeddeistige situaasje

Learlingen binne folslein learplichtich oant de ein fan it skoaljier, wêryn't hja 16 jier wurden binne. Nei de basisskoalle folgje dus noch minimaal 4 jier fuortset ûnderwiis. Sûnt it skoaljier 1993/1994 wurdt op alle skoallen in algemien programma oanbean: de basisfoarming. Foar skoallen yn Fryslân makket it ûnderwiis yn de Fryske taal ûnderdiel út fan de basisfoarming.

Skoallen kinne op dit stuit frijwillich kieze foar it brûken fan it Frysk as ynstruksjetaal.

Neffens it 'Eindexamenbesluit v.w.o.-h.a.v.o.-m.a.v.o.-v.b.o (10 juli 1989) hawwe skoallen foar fuortset ûnderwiis de mooglikheid om it Frysk as eksamenfak oan te bieden. De skoallen yn Dongeradeel fine dat hja te lyts binne om hjir oan te foldwaan.

### Beliedsútgongspunt

Skoallen foar fuortset ûnderwiis yn de gemeente Dongeradiel stimulearje it Frysk oan te bieden as eksamenfak, mei it doel de Fryske taal te befoarderjen.

### 2.3.1 Beliedsfoarnimmens

1. Gemeente en provinsje betelje beide 50% fan de kosten dy't anneks binne mei it oanbieden fan it Frysk as eksamenfak yn it fuortset ûnderwiis. Besocht wurdt om de kosten folslein foar rekken fan de provinsje komme te litten.
2. De gemeente trunet de skoallen oan om yn harren skoalleplan in paragraaf op te nimmen oer harren Fryske taalbelied, sadat dúdlik wurdt hokker plak it Frysk yn skoalle hat en mooglik krije sil. Hjirby sjogge wy graach dat learlingen yn kontakt brocht wurde mei Fryske kulturele úterings.
3. De gemeente sil in priis beskikber stelle foar de skoalle mei de measte eksamenkandidaten Frysk.
4. Stimulearjen fan ICT-gebrûk om it Frysk te learen.

### **Stân fan saken 2011**

Learlingen binne hielendal learplichtich oant de ein fan it skoallejier as hja 16 jier wurde. Nei de basisskoalle folgje se noch yn alle gefal 4 jier fuortset ûnderwiis.

Yn it fuortset ûnderwiis hawwe se mei keardoelen foar alle fakken te meitsjen. De skoallen hawwe dêrtroch de romte krigen om sels de ynhâldlike karren te meitsjen yn it ûnderwiisprogramma foar learlingen. Neist dy keardoelen is der sprake fan in ferplichte oantal noarmoeren dat in learling les kriget.

Wat de talen oangiet is der in keardoel fan fakken dêr't Nederlânsk en Ingelsk beide yn sitte. Dêrneist binne de folgjende rigels jildich foar it differensjele diel:

- Learlingen folgje op it gymnasium Gryksk en Latyn;
- Learlingen moatte op de HAVO en it VWO ferplichte in twadde en tredde moderne frjemde taal folgje;
- Learlingen op it VMBO, mei útsûndering fan de basisberopsrjochte learwei, moatte in twadde moderne frjemde taal folgje;
- Learlingen yn Fryslân moatte it fak Frysk krije/folgje;

N.B. De Boumanskoalle hat as skoalle foar praktykûnderwiis in ûntheffing foar de ferplichting om it fak Frysk te jaan.

Oant no ta hat de gemeente har net ynlitten mei it fuortset ûnderwiis – mar mear spesifyk it taaloanbod op de skoallen.

### **Beliedsútgongspunten 2012-2015**

Skoallen foar fuortset ûnderwiis yn de gemeente Dongeradiel stimulearje om it Frysk oan te bieden as eksamenfak, mei it doel de Fryske taal te befoarderjen.

### **Ympulzen 2012-2015**

1. De gemeente stiet der by de skoallen op oan om yn harren skoalleplan in part op te nimmen oer it

Fryske taalbelied, sadat dúdlik wurdt hokker plak oft it Frysk yn de skoalle hat en miskien krije sil. Dêrby wolle wy graach sjen dat learlingen yn kontakt brocht wurde mei Fryske kulturele uterings.

2. De gemeente ûndersiket oft der mooglikheden binne by it Dockingacollege: sa wol by de Piter Jelles skoalle as om in ferfolchprojekt op te setten fan de Trijetalige skoallen yn it basisûnderwiis. Op dy wize kin der in trochgeande line fan meartalichheid delset wurde foar bern fan 0 - 18 jier.

\* Dy ympulzen binne ek opnommen yn de beliedsnota yntegraal taalbelied.

## 2.4 Folwoeksenen ûnderwiis

### Omskriuwing hjoeddeistige situaasje

Neffens de Rijksregeling Basiseducatie(1986) kin yn de provinsje Fryslân ûnder taalfeardigens ek de Fryske taal ferstien wurde. Taalfeardigens makket ûnderdiel út fan in gearhingjend oanbod oan basisedukaasje. Op dit stuit is der gjin oanbod Frysk foar de basisedukaasje. It 'Friesland College' yn Ljouwert fersoarget de lessen basisedukaasje. Mei it Friesland College yn Ljouwert wurde ôfspraken makke yn de foarm fan in produkt-oerienkomst.

Doelgroepen op dit stuit binne bygelyks allochtoanen, asylsikers en nijkommers, de útfallers út it regulier ûnderwiis en guon kliïnten fan sosjale saken.

It FC fersoarget ek de ynboargeringskursussen ûnder de WIN.

### Beliedsútgangspunt

Allochtoane nijkommers yn de gemeente wurde yn de ferplichte ynboargeringskursus op 'e hichte brocht fan de besteande twatalige situaasje. Yn de produktoerienkomst 'ynboargering' mei it Friesland College sil soks fêstlein wurde.

### 2.4.1 Beliedsfoarnimmens

1. Betingsten skeppe foar It oanskaffen / meitsje litten fan foarljochtingsmateriaal dat brûkt wurde kin by de ynboargerings-kursussen foar allochtoane nijkommers 'Wonen in Fryslân' . Yn it ramt fan it ûnderdiel maatskiplike oriïntaasje sil ek omtinken jûn wurde oan it Frysk.
2. It Friesland College soarget derfoar dat net-Frysktalige nijkommers dy't dat wolle, kursussen Frysk foar Allochtoanen folgje kinne. De gemeente subsidiearret dêrta de Afûk, dy't de kursussen jout.

### **Stân fan saken 2011**

Fan 1998 ôf is de wet educatie en beroepsonderwijs(WEB) ynfierd en de gemeente kriget dêr jierliks middels foar troch it partisipaasjebudzjet. Edukaasje is rjochte op it befoarderjen fan de persoanlike ûntjouwing foar it maatskiplik funksjonearjen fan folwoeksenen. Soks troch de ûntwikkeling fan kennis, ynsjoch, feardichheden en hâlding op in wiize dy't oanslút by harren behoeften, mooglikheden, ûnderfinings en ek by maatskiplike behoeften. Yn it ramt fan de WEB slút de gemeente jierliks in produktoerienkomst mei ROC Friesland College ôf dy't dat útfiert. Edukaasje is dêryn gjin doel op himsels, mar in ynstrumint om efterstannen yn ûntwikkeling by folwoeksenen fuort te wurkjen. Dêr slút de aktiviteit fan it Friesland College oan op de oanpak fan leechletteren en funksjoneel analfabeten yn de gemeente.

### **Beliedsútgangspunten 2012-2015**

Yn de trajekten NT2 foar ynboargerers dy't funksjoniel analfabeet binne (ynboargeringsplichtigen en ynboargeringsbehyplikens) sille nijkommers yn de ynboargeringskursus op 'e hichte brocht wurde fan de besteande twatalige situaasje. Yn de produktoerienkomst mei it Friesland College sil soks fêstlein wurde.

By de oanpak fan leechletterheid en it ferbetterjen fan it nivo fan it Nederlânsk yn it ramt fan it trajekt basisfeardichheden wurdt rekken holden mei de twatalige eftergrûn fan de (measte) ynwenners fan de gemeente.

### **Ympulzen 2012-2015**

1. Yn de produktoerienkomsten mei it Friesland College wurdt fan 2013 ôf oandacht jûn oan 'e twatalige situaasje yn ús gemeente troch kursussen Frysk oan te bieden. Dat moat ek opnaam wurde yn it jierferslach fan it Friesland College.

### 3. BESTJOER

#### Omskriuwing hjoeddeistige situaasje (foarskiednis)

##### **Taalbeliedsplan 1987**

It hjoeddeistich belied is basearre op it riedsbeslút fan 27 maaie 1987 wêrby in taalbeliedsplan, yn de foarm fan in tsiental maatregels, fêststeld is. Dit plan is makke troch in wurkgroep Frysk, besteande út riedsleden, bestjoerders en amtners.

Utgangspunten foar dit belied kamen út it provinsjaal Einrapport Frysk yn it offisjele ferkear "Fan Geunst nei Rjocht" (1984) en de réaksje derop fan it doetiidske kolleezje:

- a. It prinsipe fan "folgjend taalgedrach". Dit hâldt yn dat yn it gefal as der in skriftlik ferslach fan in mûnling oerlis makke wurdt, of in antwurd op in brief ferstjoerd wurdt, dat der dan by it meitsjen fan de skriftlike stikken gjin selsstannige taalkar dien wurdt, mar dat it taalgebrûk him yn dy stikken rjochtet nei de taal dy't yn dat oerlis of brief brûkt is.
- b. In evenredige ferdieling fan rjochten en plichten tusken de Fryske en Nederlânsktalige taalgroep.
- c. De ferantwurdlikheid foar it ryk leit benammen yn it passyf behearskjen, foar de provinsje yn it aktyf stimulearjen fan it Frysk en foar de gemeente sil it belied tasnien wurde moatte op de pleatslike situaasje.
- d. Yn Dongeradeel kinne de boargers de gemeente sawol mûnling as skriftlik ek yn it Frysk benaderje en de gemeente kin de boargers ek yn it Frysk beânderje.
- e. Lykweardigens Frysk en Nederlânsk en lykberjochtinging fan de minsken dy't dy beide talen prate.
- f. Garandearjen fan in goede rjochtsbeskerming foar de brûkers fan de talen. Troch foartiid mei soarch te wagen, kinne oersettings sa beheind mooglik bliuwe.
- g. It brûken fan de lokale taal troch de boarger jout gjin swierrichheden. Troch it ûntbrekken fan in kreative stavering fan it Dokkumers, sil it aktyf brûken dêrfan wól nuodlik wurde.

#### *Maatregels*

1. By ynstallaasje fan riedsleden kin de eed of de tasizzing yn it Frysk ôflein wurde.
2. Fryske brieven yn it Frysk beânderje.
3. Amtlike advizen kinne likegoed yn it Frysk as yn it Nederlânsk skreaun wurde. De kar wurdt oan de amtner sels oerlitten.
4. Ferslaggen gearkomsten ried skriuwe yn 'e taal dy 't brûkt is.
5. It soe moai wêze as der yn it skriftlik ferkear mei de provinsje en oare Fryske gemeenten en de ynwenners dêr 't it fan bekend is dat hja der priis op stelle, mear Frysk brûkt wurde soe.
6. Sa no en dan Fryske advertinsjes yn 'e lokale parse. Personielsadvertinsjes yn it Nederlânsk. Iepenbiere oankundigings ek yn it Nederlânsk.
7. By seleksje fan nij persoanel derop wize dat der yn 'e gemeente in soad Frysk sprutsen wurdt en dat dêrom fan de sollisitanten in positive hâlding foar it Frysk oer ferwachte wurdt.
8. Opskriften op auto's ensfh. en oare opskriften dy 't net it karakter fan in iepenbiere oankundiging hawwe yn it Frysk.
9. Foar it folgjen fan Fryske kursussen wurdt boppe de normale stúdzjekostenfergoeding (75 % fan de kosten), by it slagjen nochris 25% fan 'e kosten jûn as in soart gratifikaasje foar it heljen fan it diploma.
10. Hifkjen fan boppesteande maatregels nei in jier.

#### *Evaluasje 1992*

By de behandeling fan de gemeentebegutting 1993 is n.o.f. fragen fan de FNP fêststeld dat fan de maatregels in pear oanskerpe wurde moatte, lykas mear Fryske advertinsjes yn 'e lokale parse en it by sollisitaasjes mei klam freegjen nei in positive hâlding foar it Frysk oer. It wurdt net nedich achte de beliedsútgangspunten fan 1987 by te stellen en ek net om de wurkgroep Frysk wer byinoar te roppen.

#### *Evaluasje 1995*

De riedsfraksjes binne hifke oft der behoefte oan wie om de wurkgroep Frysk wer by inoar te roppen. Konklúzje: Utsein de FNP hat gjin inkelde fraksje behoefte oan in nije wurkgroep foar it brûken fan de Fryske taal yn it bestjoerlik en amtlik fermidden.

Yn de kommisje Finansiën/AZ is hja wol akkoard gien mei it útstel fan de PvdA-fraksje om ien kear yn't jier dit ûnderwerp op it aljemint fan de kommisje te bringen. De fraksjes moatte dan wol de ûnderwerpen oanjaan.

It hjirboppe omskreaune belied fan 1987 hat nei 1995 net mear as sadanich yn de ried oan 'e oarder west.

## **Nammejouwing**

Sûnt de gemeentlike weryndieling fan 1984 is it útgongspunt oangeande de nammejouwing fan strjitten:

- yn de doarpen Fryske strjittenammen en
- yn Dokkum Nederlânsk, Frysk of Dokkums.

Fierder binne de Provinsjewet fan 10 septimber 1992, (Stb.550) en de Gemeentewet (Wet fan 14 febrewaris 1992, Stb. 96) sa wizige dat mei yngong fan 1 jannewaris 1994 legere oerheden formeel it foech hawwe om de nammen fan provinsje en gemeenten yn de Fryske taal of mei yn de Fryske taal fêst te stellen.

Sûnt 1996 is de kar makke om de kombuorden yn de doarpen twatalich te meitsjen en yn offisjele stikken de plaknammen yn it Nederlânsk te skriuwen.

## **Ferkiezings**

Yn it Kiesbeslút fan 1989 (Stb. 1989, 471) is in bepaling opnaam, dat de oantsjittings op de kandidatelisten foar ferkiezings fan Provinsjale Steaten en Gemeenterieden yn de provinsje Fryslân, yn it Frysk steld wurde meie (art. H 2 Kiesbeslút).

## **Boargerlike Stân**

Mei yngong fan 1 jannewaris 1997 jildt dat akten fan de boargerlike stân yn Fryslân sawol yn it Frysk as yn it Nederlânsk opmakke wurde moatte. It Taalburo fan de Fryske Akademy hat yn 1996 yn opdracht fan it Ministearje fan Justysje alle akten út it modelleboek fan de Nederlandse Vereniging voor Burgerzaken oerset yn it Frysk. De gemeente beskikt, lykas alle oare gemeenten yn de provinsje Fryslân, oer in software-pakket mei twatalige akten om sa útfiering jaan te kinnen oan de wet. Der wurde twatalige akten fan de boargerlike stân en twatalige trouboekjes brûkt.

## **Algemene wet bestuursrecht: (Fryske) taal yn it bestjoerlik ferkear**

Mei yngong fan 1 july 1995 is de Algemene wet bestuursrecht wizige yn ferbân mei it opnimmen fan regels oangeande it brûken fan de Fryske taal yn it bestjoerlik ferkear (ôfdieling 2.2 fan de Awb). Doel is de posysje fan de Nederlânske taal te garandearjen en in grutter gewicht ta te kennen oan de begjinsels fan gelikense behandeling en lykwaardigens fan de Fryske taal yn de provinsje Fryslân. De posysje fan de Fryske taal as twadde bestjoerstaal yn de provinsje Fryslân wurdt hjirmei dus fersterke. De erkenning fan de status en de wearde fan it Frysk yn dizze provinsje en it feit dat it Fryske taalbelied mei dizze wetswiziging in offisjele wetlike basis krigen hat, binne nei ús miening wichtige mylpeallen.

Yn de nije ôfdieling 2.2 wurde û.o. regels jûn oer it brûken fan de Fryske (en de Nederlânske) taal yn it bestjoerlik ferkear. Ofdieling 2.2 jildt û.o. foar it brûken fan it Frysk troch en mei Fryske bestjoersorganen en hat as sadanich ek konsekwinsjes foar it gemeentlike taalbelied. De haadregel fan ôfdieling 2.2 is dat it Nederlânsk de taal fan it bestjoerlik ferkear is. Dêrmei wurdt in ûnbeskreaune rjochtsregel kodifisearre. It Frysk kin lykwols op beskate betingsten ek as bestjoerstaal brûkt wurde. It plak fan it Frysk yn it rjochtsferkear is net yn dizze wetswiziging opnaam om't it in oarsoartich ûnderwerp is dat selsstannich regeling fertsjinnet. Ofdieling 2.2 fan de Awb hat regels wêryn it provinsjaal bestjoer en de gemeentebestjoeren yn Fryslân in belied fiere kinne foar it brûken fan it Frysk yn mûnlinge en skriftlike kontakten mei boargers en mei oare Fryske oerheden. Ofdieling 2.2 slacht foaral op bestjoersorganen. Bestjoersorganen neffens de Awb binne de ried, it kolleezje fan boargemaster en wethâlders en de boargemaster.

## **Gedrachskoade Boargemaster en wethâlders oangeande it brûken fan 'e Fryske taal**

Dizze koade is yn 2001 fêststeld n.o.f. de taalkwestje "Brantgum".

Artikel 2 lid 8 fan de Algemene wet bestuursrecht spilet hjirby in wichtige rol. De tekst fan it artikel lûdet as folcht:

1. *"Bestuursorganen kunnen in het mondeling verkeer binnen de provincie Friesland de Friese taal gebruiken.*
2. *Het eerste lid geldt niet, indien de wederpartij heeft verzocht de Nederlandse taal te gebruiken op de grond, dat het gebruik van de Friese taal tot een onbevredigend verloop van het mondelinge verkeer zou leiden."*

Yn 'e gearkomste fan 9 jannewaris 2001 hawwe Boargemaster en Wethâlders de folgjende útgongspunten fêststeld foar it brûken fan en it omgean mei de Fryske taal yn it ferkear fan it kolleezje of yndividuele kolleezjeleden, handeljend as bestjoersorgaan of út namme fan it bestjoersorgaan, dêr't hja diel fan útmeitsje.

1. Artikel 2, lid 8 fan 'e Algemene wet bestuursrecht giet fan it prinsipe út dat bestjoersorganen yn it mûnlige ferkear yn 'e provinsje Fryslân de Fryske taal brûke kinne.
2. It kolleezje en syn yndividuele leden kieze yn prinsipe neffens persoanlik ynsjoch foar it brûken fan 'e taal (Nederlânsk of Frysk), dy't syn/harren foarkar hat.
3. Wannear't yn it oerlis fan it kolleezje of yndividuele leden de situaasje him foardocht dat partijen (yndividuele dielnimmers of meardere dielnimmers mei-inoar) fersykje de Nederlânske taal te brûken, dan wurdt dit fersyk troch it kolleezje/it yndividuele lid yn berie nommen en komt it kolleezje/it yndividuele lid nei oerlis mei de peteargenoaten ta in motivearre beslút.
4. By de oerwagings, dy't foar dat beslút de grûnslach foarmje, sil it oardiel fan it kolleezjelid/yndividuele lid oer de fraach oft it brûken fan 'e Fryske taal ta in ûnbefredigjend ferrin fan it mûnlige ferkear by de gearkomste liede sil, in wichtige rol spylje.
5. It oardiel oer dy fraach wurdt troch Boargemaster en Wethâlders/it yndividuele lid hieltyd ynfolle op grûn fan oerwagings, dy't direkt ferbân hâlde mei de spesifike situaasje.
6. By it beoardieljen fan it fersyk om Nederlânsk te praten spylje nei it oardiel fan Boargemaster en Wethâlders yn elts gefal de folgjende aspekten in rol:
  - binne der oplossings tinkber, dy't foldwaande yn 'e mjitte komme oan 'e opfettings fan it kolleezje fan Boargemaster en Wethâlders/it yndividuele lid oan 'e iene kant en de opfettings fan 'e fersiker oan 'e oare kant;
  - wannear't it giet om ien op ien ferkear sil it brûken fan 'e Nederlânske taal nei alle gedachten de foarkar ha;
  - wannear't it giet om grutte groepen fan meast Frysktaligen, dan is der mear oanlieding om jin fan 'e Fryske taal betsjinje te bliuwen;
  - wannear't der yn dy gruttere gearkomsten in grut persoanlik belang oan 'e oarder is, dan kin it inkele fersyk fan dy belanghawwende der ta liede, dat keazen wurdt foar it brûken fan 'e Nederlânske taal.
7. De yndividuele leden fan it kolleezje fan Boargemaster en Wethâlders ha by de foargeande útgangspunten in eigen ferantwurdlikheid by it kiezen fan 'e troch harren sels geskikt achte taal.

#### Beliedsútgangspunten

Wy binne fan miening dat it gemeentlik taalbelied stapsgewiis ta in fansels wêzen fan en in positive wurdearring en hâlding foar it brûken fan it Frysk oer liede moatte soe, by likegoed bestjoerders en amtners as by de yn Fryslân wenjende of festige boargers, bedriuwen en ynstellings dêr 't hja mei yn kontakt steane. Wy stribje dêrom nei in positive benadering fan it Frysk, dêrby rekken hâldend mei de aktive en passive behearsking fan it Frysk by de oanbelangjende partijen en mei oare relevante faktoaren. As it mooglik is, sil foar it brûken fan it Frysk keazen wurde wêrby' t ek de oare partij alle romte kriget foar it brûken fan it Frysk.

Fanút it begjinsel fan lykweardigens fan it Frysk en it Nederlânsk achtsje wy in frije taalkar fan grut belang en fan wjerskanten respekt foar elkoars taalkar.

It oant no ta fierde taalbelied sille wy fanút de hjirfoar omskreaune positive benadering fan it Frysk en mei achtslaan op de lykweardigens fan it Frysk en it Nederlânsk en mei gebrûk meitsjen fan de romte dy 't de Algemene wet bestuursrecht ús jout, evaluatearje.

De fragen dy 't by de evaluaasje beäntwurde wurde moatte, binne:

- a. op hokfoar wize wurdt útfiering jûn oan it taalbelied en
- b. is it, sjoen de útkomsten fan fraach a. en as der tocht wurdt oan nije wetjouwing, ûntwikkelingen en/of ynsichten, needsaaklik of winsklik de útgangspunten en maatregels op 'e nij te besjen.

### **3.1 Evaluaasje gemeentlike foarskiednis**

#### **3.1.1 Evaluaasje taalbeliedsplan 1987**

##### **Maatregel 1 : By ynstallaasje fan riedsleden kin de ied of tasizzing yn it Frysk ôflein wurde.**

Gemiddeld 40% fan de riedsleden lizze de ied ôf yn it Frysk. It doel wurdt dêrmei berikt.

##### **Maatregel 2 : Fryske brieven wurde yn it Frysk beändere.**

Alle jierren krije wy mar inkele Fryske brieven dêr 't in antwurd op útgean moat (tsien yn 't jier). Foar it beäntwurdzjen fan Fryske brieven is skriftlike behearsking fan it Frysk in fereaske.

Der binne lykwols mar in pear minsken yn de organisaasje dy 't Frysk skriuwe. Brieven dy 't yn it Frysk beäntwurde wurde, wurde fansels net altiten behannele troch in Frysk skriuwendende amtner. Yn de praktyk betsjut de útfiering fan dizze maatregel yn dy situaasjes dat der ferskate ekstra hannelingen dien wurde moatte.

In yn it Nederlânsk skreaune antwurdbrief moat dan troch in oar yn it Frysk oerset wurde, wêrby't de gearhing fan de tekst bewarre bliuwe moat en ek it kollationearjen fan it brief nimt mear tiid as fan in Nederlânske brief.

It seit himsels dat as in boarger, bedriuw of ynstelling de gemeente yn it Frysk oanskriuwt, de gemeente it Frysk brûkt.

Hoewol 't útfiering fan dizze maatregel yn dy gefallen wêryn de behanneljend amtner net Frysk skriuwe kin, ekstra wurksumheden jout, is dit net sa beswierlik dat yn sokke gefallen fan it yn it Frysk beäntwurdzjen fan it brief ôfsjoen wurde hoecht.

Wannear 't it earste kontakt fan de gemeente útgiet kin per gefal beoardiele wurde oft de ûntfanger fan it stik achte wurde mei, it Frysk lêze te kinnen. Yn dy gefallen wêryn de ûntfanger ridlikerwize achte wurde kin it Frysk lêze te kinnen, kin de gemeente derfoar kieze om op eigen inisjatyf de adresrearre yn it Frysk oan te skriuwen. Tocht kin hjirby bygelyks wurde oan gemeentlike of provinsjale oerheden yn Fryslân, skoallen of ferienings foar Doarpsbelangen/Pleatslik Belang. It kin yn soksoartige situaasjes fan ferskate faktoaren ôfhinklik wêze oft de brief yn it Frysk of yn it Nederlânsk skreaun wurdt. As kritearium soe bygelyks jilde kinne de fraach oft de amtner dy 't it brief skriuwt al of net Frysk skriuwe kin (en dit ek wol). Ek effisjinsje-grûnen kinne in rol spylje. It sil dus hieltiten fan in beoardieling fan de konkrete situaasje ôfhingje oft in brief yn it Frysk of yn it Nederlânsk skreaun wurdt.

### **Maatregel 3 : Amtlike advizen kinne likegoed yn it Frysk as yn it Nederlânsk skreaun wurde. De kar wurdt oan de amtner oerlitten.**

Gemiddeld wurde der op jierbasis sawat tsien Fryske foarstellen/notysjes oan it kolleezje en de ried foarlein. Dit is net in protte as wy sjogge dat sa 'n 25 amtners yn teory wol Frysk skriuwe kinne. Fansels hat it te meitsjen mei de ekstra tiid dy 't nedich is foar it geef skriuwen.

Wy binne fan miening dat yn elts gefal de riedsútstellen en nota's oangeande de Fryske taal en ûnderwerpen mei in Fryskeigen karakter, yn it Frysk skreaun wurde moatte. Yn dy gefallen wêryn de behanneljend amtner net Frysk skriuwe kin, bringt de útfiering ekstra fertaalwurk mei him mei. Neffens de AWB moat in yn it Frysk steld skriftlik stik teffens yn it Nederlânsk skreaun wurde as it om algemien binende foarskriften of beliedsregels hannelet of as it skreaun is foar direkte tarieding dêrfan. Yn de praktyk sil dit meastal betsjutte dat twa ynhâldlik gelikense ferzjes skreaun wurde. Yn soksoarte situaasjes jildt de Fryske ferzje as "offisjele" ferzje en sil de Nederlânske ferzje op besjen dellein wurde en is dêrfan op fersyk in ôfskrift te krijen.

### **Maatregel 4 : Fer slaggen fan de gearkomsten fan de ried skriuwe yn de taal dy 't brûkt is.**

Dit is al jierren de praktyk, dus it doel wurdt al berikt. Foar de notulist(e) fan de Rie is it Frysk skriuwe kinnen in funksje-eask.

Foar beslutelisten fan kommisjes jildt net de bepaling dat dy yn it Frysk stavere wurde moatte.

### **Maatregel 5 : It soe moai wêze as der yn it skriftlik ferkear mei de provinsje en oare Fryske gemeenten en de ynwenners dêr 't fan bekend is dat hja der priis op stelle, mear Frysk brûkt wurde soe.**

Dit komt yn de praktyk hast net foar. Sjoch fierder hjirboppe it kommentaar en it foarstel by maatregel 2.

#### **3.1.2 Evaluaasje Nammejouwing**

De gemeentlike Namme-advysried jout advys oan it kolleezje oangeande de nammejouwing fan strjitten ensfh. Foar sa fier de gemeente it foech hat om nammen fan wetters fêst te stellen, kin oansluting socht wurde by it belied strjitnammejouwing.

Dat hâldt yn: Fryske nammen foar de wetters yn foarhinne East- en Westdongeradiel en de nammen fan de wetters yn Dokkum fêst te lizzen yn it Frysk, it Nederlânsk of it Dokkumers. Hjirby sil ek oerlis plak fine moatte mei it wetterskip wat de eigendom oanbelanget en mei de provinsje. De provinsje koördinearret it ynfieren fan Fryske wetternammen omdat guon wetters yn mear as ien gemeente lizze.

De twatalige komboarden yn de doarpen foldogge best. Der is foar ús gjin reden dit te feroarjen.

#### **3.1.3 Evaluaasje Boargerlike Stân**

De wet wurdt folge wat twatalige akten oanbelanget. Taspraken yn hokfoar taal hat te krijen mei de winsk fan breid en brêgeman. Oan de taalwinken kin altiten foldien wurde.

### 3.1.4 Evaluaasje tapassing Awb

Mei de wiziging fan de Awb is, m.u.f. it opstellen fan de neamde "gedrachskode", yn de praktik neat spesifyk dien, wylst de wet mooglikheden jout foar in aktyf Frysk taalgebrûk. Troch de wiziging fan de Awb is it tastien om it Frysk te brûken yn it offisjele ferkear, mar op betingst dat ien en oar regele wurdt yn in oardering. Wichtich yn dit ferbân is, dat net mear yn alle gefallen in fergese oersetting levere hoecht te wurden, mar dat yn guon gefallen in fergoeding frege wurde kin. Foar belanghawwenden jildt, dat sy in direkt en persoanlik belang by de saak hawwe en om dy reden in fergese Nederlânske oersetting fan in Frysk stik krije kinne. It is oan it kolleezje om soks te hifkjen. Is der gjin sprake fan in direkt persoanlik belang, dan kin de gemeente in fergoeding foar de makke oersetkosten freegje.

Foar it skriftlik brûken fan it Frysk wurdt keazen by:

1. Korrespondinsje fan de gemeenten mei de provinsje Fryslân, mei oare Fryske gemeenten en wetterskippen, de ferienings foar doarpsbelangen oangeande Frysk eigene saken;
2. Ynstânsjes en boargers dy't de gemeente yn it Frysk oanskreaun hawwe (folgjend taalgedrach);
3. Wurklisten en stikken oangeande Fryske saken foar de riedsgearkomsten;
4. Beskikkings en plannen oangeande Fryske saken.

Op fersyk moatte Fryske stikken oerset wurde yn it Nederlânsk. Soks docht in oanslach op de personele ynset.

### 3.1.5 Evaluaasje Gedrachskode brûken Fryske taal

Nei feststelling fan dizze koade binne der gjin taalkwestjes mear oan 'e oarder west. Yn elts gefal jout dizze koade in soad dúdlikens oer it brûken fan de Fryske taal yn it mûnlinge ferkear.

### 3.1.6 Beliefsfoarnimmens

1. By ynstallaasje fan riedslieden kin de ied of tasizzing yn it Frysk ôflein wurde.
2. Fryske brieven wurde yn it Frysk beändere. Yn foarkommende gefallen kin it gemeentebestjoer, nei ôfwaging fan de belangen fan de adresearre(n) en de gemeentlike organisaasje, op eigen inisjatyf Frysktalige brieven ferstjoere.
3. Amtlike advizen kinne likegoed yn it Frysk as yn it Nederlânsk skreaun wurde. De kar wurdt oan de amtner oerlitten. Riedsútstellen en nota's oangeande de Fryske taal of ûnderwerpen mei in Fryskeigen karakter, wurde yn it Frysk steld, mei achtslaan fan de Awb.
4. Ferslaggen fan de gearkomsten fan de ried skriuwe yn de taal dy 't brûkt is.
5. It hjoeddeiske belied op it mêd fan nammejouwing en boargerlike stân hanthavenje.
6. Foar sa fier de gemeente it foech hat om nammen fan wetters fêst te stellen, kin oansluting socht wurde by it belied strjitnammejouwing en by it provinsjaal belied foar wetters yn mear as ien gemeente.
7. It fierder útfiering jaan oan de twataligens troch it feststellen fan in oardering "Frysk yn it skriftlik ferkear" (taheakke) en it oanpassen fan de leezesoardering. Yn kêst 5 fan de oardering binne dêrta taalkar kritearia opnaam: By de taalkar wurdt yn alle gefallen rekken hâlden mei:
  - a. de taalkar kritearia sa't dy dellein binne yn artikel 2:10 fan de Awb;
  - b. it belang om deselde taal te brûken as dêr't it bestjoersorgaan yn oanskreaun is (folgjend taalbelied);
  - c. de kontinuïteit fan de taalkar;
  - d. de bestimming fan de dokuminten;
8. De ûnder 3.1.4. neamde ûnderwerpen wurde foarearst yn it Frysk brûkt.
9. De gedrachskode 2001 fan it kolleezje oangeande it mûnling brûken fan 'e Fryske taal hanthavenje.

### Utstellen oan B&W en oan de gemeenteried

Op it stuit is it wizânsje dat de útstellen oan B&W en riedsútstellen yn it Hollânsk en yn it Frysk ferskine kinne. Foar dy útstellen jildt it prinsipe fan de frije taalkar en it systeem fan de twataligens. Yn de praktyk betsjut soks dat amtners dy't har net mei it Frysk rêde kinne, Nederlânsktalige útstellen meitsje. Amtners dy't soks wol yn 'e macht hawwe, kinne kieze út beide talen, mar om't yn dit beliedsplan praat wurdt oer in aktyf Frysk taalgebrûk, wurdt it Frysk foar kar nommen.



## Stân fan saken 2011

De boppeneamde punten by ûnderdiel 3.1 wurde sa útfierd. Dat is bekrêftige troch it ûndertekenjen yn 2006 fan de yntinsjeferklearring Frysk taalbelied troch de provinsje Fryslân en acht gemeenten (taheakke). Dêryn binne der ôfspraken makke oangeande it fuortsterkjen fan it ûnderlinge skriftlik ferkear yn de Fryske taal. Yn 2009 is kritysk besjoen oft der wol hannele wurdt neffens dy ôfspraken. De konklúzje is dat binnen de gemeente Dongeradeel útgien wurdt fan taalfolgjend belied. Dat kin mei útfierd wurde troch de 40 amtners dy 't yn 2005 kursussen Frysk folge hawwe en troch de 17 taalomtinkers dy 't yn de hiele organisaasje fertsjintwurdige binne. Yn 2010 binne der in 17-tal amtners ree fûn, om as him dat foar docht, stikken oer te setten fan it Nederlânsk nei it Frysk en oarsom. Dêr stie tsjinoer dat hja doe in opfriskursus stavering Frysk folge hawwe.

## Beliedsútgongspunten 2012-2015

It gemeentlike taalbelied soe stapsgewijs ta in fansels wêzen fan en in positive wurdearring en hâlding foar it brûken fan it Frysk oer liede moatte by likegoed bestjoerders en amtners as by de yn Fryslân wenjende of festige boargers, bedriuwen en ynstellings dêr 't hja mei yn kontakt steane. Stribje dêrom nei in positive benadering fan it Frysk, dêrby rekken hâldend mei de aktive en passive behearsking fan it Frysk by de oanbelangjende partijen en mei oare relevante faktoaren. As it mooglik is, sil foar it brûken fan it Frysk keazen wurde dêr 't ek de oare partij alle romte by kriget foar it brûken fan it Frysk. Utgeande fan it begjinsel fan lykweardigens fan it Frysk en it Nederlânsk is in frije taalkar (Taalwet 2011) fan grut belang en fan wjerskanten respekt foar elkoars taalkar.

## Ympulzen 2012-2015

1. By ynstallaasje fan riedslieden kin de ied of tasizzing yn it Frysk ôflein wurde.
2. Fryske brieven wurde yn it Frysk beändere. Yn foarkommende gefallen kin it gemeentebestjoer, nei ôfweagjen fan de belangen fan de adressearre(n) en de gemeentlike organisaasje, op eigen inisjatyf Frysktalige brieven ferstjoere.
3. Amtlike advizen kinne likegoed yn it Frysk as yn it Nederlânsk skreaun wurde. De kar wurdt oan de amtner oerlitten. Riedsútstellen en nota's oangeande de Fryske taal of ûnderwerpen mei in Fryskeigen karakter, wurde yn it Frysk steld, mei achtslaan fan de Awb.
4. Ferslaggen fan de gearkomsten fan de ried skriuwe yn de taal dy 't brûkt is.
5. It hjoeddeiske belied op it mêd fan nammejouwing, boargerlike stân en de komboerden hanthavenje.
6. Yn sa fier't de gemeente it foech hat om nammen fan wetters fêst te stellen, kin oansluting socht wurde by it belied oangeande strjittenammejouwing en by it provinsjaal belied foar wetters yn mear as ien gemeente.
7. It fierder útfiering jaan oan de oardering "Frysk yn it skriftlik ferkear" (taheakke) en de leezesoardering. Yn kêst 5 fan de oardering binne dêrta taalkar kritearia opnaam: By de taalkar wurdt yn alle gefallen rekken holden mei:
  - a. de taalkar kritearia sa't dy dellein binne yn artikel 2:10 fan de Awb;
  - b. it belang om deselde taal te brûken as dêr't it bestjoersorgaan yn oanskreaun is (folgjend taalbelied);
  - c. de kontinuïteit fan de taalkar;
  - d. de bestimming fan de dokuminten;
8. De ûnder 3.1.4. neamde ûnderwerpen wurde foarearst yn it Frysk brûkt.
9. De gedrachskoade 2001 fan it kolleezje oangeande it mûnling brûken fan 'e Fryske taal skrasse. De kolleezjeleden binne sels ferantwurdlik foar hokker sprektaal hja brûke.
10. De taalomtinkers om de trije jier wer opfrisse litte mei in kursus stavering. Dy kosten betelje út it ôfdielings-/opliedingsbudzjet.
11. Besykje mear amtners ree te krijen Frysk ferstean, praten, lêzen en skriuwen te learen. De kosten betelje út de opliedingsbudzjetten fan de ôfdielings.
12. De amtners fan Dongeradeel nijsgjirrich te meitsjen nei it Frysk troch alle wiken in Fryske siswize op Yntranet te setten en of op de ynterne publikaasjebuorden.
13. It brûken fan de Fryske taal opnimme yn 'e direksjeplan fan de gemeente en ek meinimme yn de kompetinsjegesprekken mei it persoanlik.

## 3.2 Kommunikaasje en Foarljochting

By it jaan fan foarljochting moat it earst sjoen wurde nei it doel fan de foarljochting, it publyk (de doelgroep) dat mei de foarljochting berikt wurde moat en de wize wêrop/it middel wêrmei 't foarljochting jûn wurdt: mûnling, skriftlik, audiofisueel ensfh. Yn it ferlingde derfan komt earst de fraach oan 'e oarder oft gebrûk makke wurde kin fan it Nederlânsk of it Frysk. By de útfiering fan dizze rjochtline is in ferskil te meitsjen tusken kollektive en yndividuele mûnlige foarljochting en skriftlike foarljochting.

### 3.2.1 Mûnlige foarljochting

#### Omskriuwing hjoeddeistige situaasje

De passive en aktive behearsking fan it Frysk binne al sa 'n 15 oant 25 jier op in betreklik stabyl nivo. Wy meie neffens ús hjirút konkluderearje dat it Frysk benammen as sprektaal folop libbet.

As de Fryske sifers rjochtstreeks nei Dongeradiel fertaald wurde dan mei it útgongspunt dat (hoewol 't rekkening hâlden wurde moat mei in ferskaat yn taalgebrûk) der praat wurde kin fan in sadanige passive behearsking fan it Frysk by de boargers, dat it ferantwurde is dêr by it mûnlige kontakt mei boargers fan út te gean. Benammen foar it sintrale balypersoniel jild de eask dat hja Frysktalich is. Oan 'e sintrale baly wurden de minsken meastentiid earst yn it Nederlânsk oansprutsen wêrnei omskeakele wurde as hja Frysk prate (= folgjend taalbelied). Sjoch by 3.3.1. Yn it algemien is it sa dat yn kontakten mei de boarger in grut part fan de amtners en bestjoerders oerskeakelje as de oare persoan Nederlânsk praat. In oar part bliuwt Frysk praten wannear't bliken docht dat de oare persoan it Frysk wol ferstiet. Ferstiet de oare gjin Frysk dan skeakelt ek dit part oer op it Nederlânsk. Wannear't in Frysktalige boarger yn in petear mei in Nederlânsktalige amtner of bestjoerder freget oft dy Frysk ferstiet, sil dy oar oer it algemien meidiel wurde dat hy/sy Frysk praten bliuwe kin.

#### Beliedsútgongspunten

Wichtichste is dat de gemeentlike ynformaasje goed oerkomt en dat de boarger de taal brûke kin, dêr't hy/sy him of har it bêste by thúsielt.

Al wa't wend is Frysk te sprekken, hoecht him by de gemeentlike baalje of telefoansk net te ferbrekken. Itselde jildt foar it Nederlânsk. By yndividuele foarljochting lit de Awb de nedige romte oan beide partijen om Frysk te praten, mei it betingst dat beide partijen de oare partij fersykje kinne op it Nederlânsk oer te skeakeljen.

By foarljochtings-/ynsprakgearkomsten foar de eigen ynwenners mei der oer it algemien fan útgien wurde dat de oanwêzigen it Frysk fersteane en foar in grut part sels prate.

Docht it bliken dat der ûnder it publyk guon minsken binne dy't it Frysk net fersteane, dan wurdt, ôfhinklik fan de situaasje al as net Nederlânsk praat. Sjoch hjirfoar de "Gedrachskoade".

Wolle wy de Fryske taal stimulearje en in grutter plak jaan by de oerheid dan is it saak dat der mear frege wurde sil fan it persoan. Dat moat har yn elts gefal it Frysk eigen meitsjen. Benammen de beliedsmeiwurkers moatte it Frysk fersteane en lêzen kinne, of yn elts gefal ree wêze it te learen.

#### Beliedsfoarnimmens

- Foar meiwurkers mei in dúdlike publyksfunksje jildt it Frysk as funksje-eask. De tillefoan by de resepsje en it bestjoerssekretariaat wurdt yn prinsipe yn it Frysk opnaam.
- Twataligens tapasse troch it antwurdapparaat Frysk/Nederlânsk te programmearjen.

### 3.2.2 Skriftlike foarljochting

#### Omskriuwing hjoeddeistige situaasje

Maatregel 6 fan it Taalbeliedsplan 1987 lûdet: "Sa no en dan Fryske advertinsjes yn 'e lokale parse". Dit komt yn de praktyk net foar. Men moat jin ek ôffreegje oft it wol ferantwurde is om dy maatregel sûnder mear út te fieren. Skriftlike foarljochting of advertinsjes yn it Frysk soe ynhâlde dat yn 't foar al in tredde part fan de doelgroep net berikt wurde kin. Dêr't skriftlike ynformaasje rjochte is op in sa breed mooglik publyk, is it brûken fan de Fryske taal net effektyf, om't hjirfoar by it publyk it Frysk lêze kinnen in needsaaklike betingst is. Om dy reden is it dan ek winsklik de ynfopagina's en advertinsjes yn it Nederlânsk ferskine te litten. Is de foarljochting of advertinsje spesifyk rjochte op de groep skriftlik-Frysktaligen, dan is it brûken fan it Frysk wol effektyf.

It is fierders wol ús doel om de ynfoside regelmjittich te foarsjen fan inkelde Fryske eleminten, om dêrmei it Fryske karakter fan ús gemeente te ûnderstreekjen.

Evaluaasjefoarstel: sjoen it boppesteande stelle wy foar de maatregel as folcht oan te passen; By de foarljochting oan boargers ensfh. wurdt de Fryske taal brûkt yn dêrfoar gaadlike situaasjes.

De gemeentlike ynformaasje op ynternet stiet der net twatalich op. Ferslaggen fan rie en kommisjes wurde werjûn sa't sy notulearre wurde; wat yn it Frysk sein is yn it Frysk werjûn, wat yn it Nederlânsk sein is, yn it Nederlânsk. Der wurdt noch gjin gebrûk makke fan it projekt "Gemeenten yn it Frysk op Ynternet" by de Afûk. Hjir is in startsubsydzje mooglik foar it oersetten fan in part fan de gemeentlike ynternetside.

De gemeentlike infopagina yn de Nieuwe Dockumer Courant wurdt hiel inkeld foarsjoen fan Fryske eleminten. De gemeentegids is inkeld yn it Nederlânsk.

De gemeente hat gjin offisjele gemeentlike dokuminten yn it Frysk publisearre.

#### Beliedsútgangspunten

Skriftlike foarljochting, rjochte op in sa breed mooglik publyk, moat goed te plak komme. Sjoen de oant no ta beskieden passive behearsking fan it Frysk troch de befolking is it konsekwint brûken fan it Frysk net ferantwurde. In tredde part fan de doelgroep soe oars net berikt wurde kinne.

Foarljochting, rjochte op de groep skriftlik-Frysktaligen, is yn it Frysk wol efektyf. De Awb jildt as juridysk kader.

#### Beliedsfoarnimmens

- By de foarljochting oan boargers wurdt yn dêrfoar gaadlike situaasjes de Fryske taal brûkt.
- fanút de gedachte mear oandacht oan it Frysk te jaan, yn de foarljochting Fryske eleminten brûke en by ûnderwerpen mei in Fryskeigen karakter, twatalichheid brûke.
- It oersetten fan in part fan de gemeentlike ynternetside yn it Frysk.
- Kursussen Frysk skriuwen en kursussen Frysk yn it offisjele ferkear fia de Afûk oan it personiel oanbiede.

### **3.2.3 Frysk op, yn of by gemeentlike eigendommen**

#### Omskriuwing hjoeddeistige situaasje

Maatregel 8 yn it Taalbeliedsplan 1987 lûdet: "Opskriften op auto's ensfh. en oare opskriften dy 't net it karakter fan in iepenbiere oankundiging hawwe, yn it Frysk.

Wy binne fan betinken dat de opskriften op de gemeente-auto's in grut berik hawwe perfoarst fanwege it ludyk karakter fan de opskriften. It soe einliks faker fernijd wurde moatte sadat de minsken dêr mear nocht oan krije. Hjirby soene de boargers belutsen wurde kinne, bygelyks troch it útskriuwen fan in priisfraach. *Evaluaasjefoarstel: dizze maatregel hanthavenje en stimulearje.*

#### Beliedsútgangspunten

De boargers moatte mear belutsen wurde by it betinken fan opskriften, teksten .

Fryske teksten wurde brûkt, foar safier't sy foar elkenien dúdlik binne, of as hiel maklik ynformaasje oer de ynhâld frege wurde kin.

#### Beliedsfoarnimmens

- Maatregel 8 út it Taalbeliedsplan 1987 hanthavenje en stimulearje.
- It bebuordzjen fan it gemeentehûs yn it Frysk.

### **3.2.4 Beliedsfoarnimmens**

1. Foar meiwurkers mei in dúdlike publyksfunksje jildt it Frysk as funksje-eask.
2. De tillefoan by de resepsje en it bestjoerssekretariaat wurdt yn prinsipe yn it Frysk opnaam.
3. Twataligens tapasse troch it antwurdapparaat Frysk/Nederlânsk te programmearjen.
4. By de foarljochting oan boargers wurdt yn dêrfoar gaadlike situaasjes gebrûk makke fan de Fryske taal. Nije ynwenners sille wy op 'e hichte bringe fan de twataligens yn de gemeente.
5. Fanút de gedachte mear oandacht oan it Frysk te jaan, yn de foarljochting Fryske eleminten brûke en by ûnderwerpen mei in Fryskeigen karakter, twatalichheid brûke.
6. It oersetten fan in part fan de gemeentlike internetside.
7. Kursussen Frysk skriuwen en kursussen Frysk yn it offisjele ferkear fia de Afûk oan it personiel oanbiede.
8. Opskriften op auto's ensfh. en oare opskriften dy 't net it karakter fan in iepenbiere oankundiging hawwe, yn it Frysk. Dizze maatregel stimulearje troch it belûken fan de boargers.
9. It bebuordzjen yn it gemeentehûs yn it Frysk.

## **Stân fan saken 2011**

De beliedsfoarnimmens binne en wurde noch altiten útfierd sa as de bedoeling wie mei útsûndering fan punt 8.

Foar wat punt 4 oanbelanget krije alle nije ynwenners in taske mei ynformaasje oer de Fryske taal, dat beskikber steld is troch de provinsje Fryslân. By oanjefte fan in lytse poppe by Boargersaken krije de âlden in rêchtaske mei Fryske kreampresintsjes, dat wurdt ek beskikber steld troch de provinsje Fryslân. Foar punt 7 wurdt ferwizen nei ûnderdiel 3.1.6 Ympulzen 2012-2015: dêr binne de punten 10 oant en mei 13 fan tapassing.

Punt 9, it bebuordzjen yn it gemeentehûs wurdt safolle mooglik yn it Frysk dien en is noch net hielendal klear.

## **Beliedsútgongspunten 2012-2015**

By yndividuele foarljochting lit de Awb de nedige romte oan beide partijen om Frysk te praten, mei it betingst dat beide partijen de oare partij fersykje kinne op it Nederlânsk oer te skeakeljen.

By foarljochtings-/ynsprakgearkomsten foar de eigen ynwenners mei der oer it algemien fan útgien wurde dat de oanwêzigen it Frysk fersteane en foar in grut part sels prate.

Skriftlike foarljochting, rjochte op in sa breed mooglik publyk, moat goed te plak komme.

Foarljochting, rjochte op de groep skriftlik-Frysktaligen, is yn it Frysk wol efektyf. De Awb jildt as juridysk kader.

De boargers moatte der mear yn behellewurde by it betinken fan opskriften en teksten.

## **Ympulzen 2012-2015**

1. Foar meiwurkers mei in dúdlike publyksfunksje jildt it Frysk as funksje-eask.
2. De tillefoan by de resepsje en it bestjoerssekretariaat wurdt yn prinsipe yn it Frysk opnaam.
3. Twataligens tapasse troch it antwurdapparaat Frysk/Nederlânsk te programmearjen.
4. By de foarljochting oan boargers wurdt yn dêrfoar gaadlike situaasjes gebrûk makke fan de Fryske taal. Nije ynwenners sille wy op 'e hichte bringe fan de twataligens yn de gemeente.
5. Fan de gedachte út om mear omtinken oan it Frysk te jaan: yn de foarljochting Fryske eleminten brûke en by ûnderwerpen mei in Fryskeigen karakter, twatalichheid brûke.
6. It oersetten fan in part fan de gemeentlike ynternetside en it Frysk in plak jaan yn it gemeentlik hússtylboek.
7. Kursussen Frysk skriuwen en kursussen Frysk yn it offisjele ferkear troch de Afûk oan it persoanlik oanbiede. Sjoch ek by Ympulzen 3.1.6.
8. Opskriften op auto's ensfh. en oare opskriften dy 't net it karakter fan in iepenbiere oankundiging hawwe, yn it Frysk. Dy maatregel stimulearje troch it deryn beheljen fan de boargers. It managementsteam sil der op ta sjen oft dat útfierd wurdt.
9. It bebuordzjen fan it gemeentehûs yn it Frysk ôfrûnje.

## **3.3 Yntern Frysk by de gemeente**

### **3.3.1 Benamingsbelied/personielsbelied**

#### Omskriuwing hjoeddeistige situaasje

Yn it Taalbeliedsplan 1987 is opnommen maatregel 7 : *“By seleksje fan nij persoanlik derop wize dat der yn de gemeente in soad Frysk sprutsen wurdt en dat dêrom fan de sollisitanten in positive hâlding foar it Frysk oer ferwachte wurdt “*. Yn it algemien wurdt hjirmei yn de praktyk rekken hâlden en dat hat oant no ta gjin problemen oplevere. Yn sommige funksjes wurdt oan sollisitanten behearsking fan it Frysk frege. Benammen foar it sintrale balypersoneel jildt de eask dat hja Frysktalich is. Op dit stuit kinne wy sizze dat likernôch 85% fan 'e Dongeradeelse amtneren Frysk praat of prate kin. Personielsadvertinsjes wurde yn it Nederlânsk steld mei lytse Fryske eleminten yn de lay-out.

#### Beliedsútgongspunten

Wolle wy de Fryske taal stimulearje en twatalichheid in grutter plak jaan by de oerheid dan is it saak dat der mear frege wurde sil fan it persoanlik. Dat moat yn elts gefal him it Frysk eigen meitsjen. Benammen de beliedsmiwurkers moatte it Frysk ferstean en lêze kinne, of yn elts gefal ree wêze it te learen.

### Beliefsfoarnimmens

- Yn de tekst fan Nederlânsktalige advertinsjes opnimme dat in positive hâlding foar it Frysk oer of de passive behearsking as in pree jildt. Ek de mooglikheid fan in kursus Frysk kin dêrby opnommen wurde.
- By it oanstellingsbelied is de kwaliteit yn it foarste plak beskiedend. Yn it ramt fan it nije personielsfoarsjenningsbelied sil it Frysk oandachtspunt wêze, bygelyks by it ûnderdiel "doelgroepen".
- Foar alle meiwurkers jildt, dat der in positive hâlding foar it Frysk oer frege wurdt.
- Fan it personeel wurdt ferwachte, dat it meiwurket oan gemeentlik taalbelied. Dêrfoar is it nedich dat alle personeel it Frysk teminsten passyf behearsket, dat wol sizze dat men it Frysk sawol ferstean as lêze kinne moat. Sa nedich biedt de gemeente in kursus oan.

### **3.3.2 Frysk yntegrearje yn de amtlike organisaasje**

#### Omskriuwing hjoeddeistige situaasje

Hjirboppe is al steld dat likernôch 85 % fan de amtners it Frysk prate kin. Yn it amtlik ferkear wurdt in protte Frysk sprutsen tusken Frysktaligen. Ek tsjin net-Frysktaligen wurdt in protte Frysk sprutsen troch Frysktaligen.

Maatregel 3 yn it Taalbeliedsplan 1987 lûdet: *"Amtlike advizen kinne likegoed yn it Frysk as yn it Nederlânsk skreaun wurde. De kar wurdt oan de amtner oerlitten."*

Gemiddeld wurde der op jierbasis sawat tsien Fryske foarstellen/notysjes oan it kolleezje en de ried foarlein. Dit is net in protte as wy sjogge dat sa 'n 25 amtners yn prinsipe wol Frysk skriuwe kin. In inkelde skriuwt ynterne briefkes yn it Frysk. Fansels hat it te meitsjen mei de ekstra tiid dy 't nedich is foar it geef skriuwen.

Maatregel 9 yn it Taalbeliedsplan 1987 lûdet: *"Foar it folgjen fan Fryske kursussen wurdt boppe de normale stúdzjekostenfergoeding (75 % fan de kosten), by it slagjen nochris 25% fan 'e kosten jûn as in soart gratifikaasje foar it heljen fan it diploma."*

Yn 1987 hawwe seisentweintich amtners op de AFUK-kursus west. Tweintich hawwe úteinlik in diploma helle (16 diploma A; 2 diploma B en 2 diploma Frysk foar net-Frysktaligen).

Yn 1988 wiene der 2 dielnimmers foar de kursus B en 1 foar de kursus F.n.F. Oan kursus-, eksamen- en boekejild hat de gemeente oant no ta likernôch sa'n euro 3.175 útjûn.

Troch mutaasjes yn 'e rin fan de tiid is it oersjoch kwyt fan de minsken dy't al of net Frysk skriuwe kinne/wolle.

De amtner kultuer is yn it foarste plak belêste mei de tarieding, útfiering en begelieding fan it Frysk taalbelied yn de gemeente. Yn prinsipe hawwe alle amtners mei it Frysk te krijen. Om dy reden is de neamde amtner net mei alle saken dwaande dy't mei Frysk te krijen hawwe.

#### Beliedsútgongspunten

Wy binne fan miening dat yn elts gefal de riedsútstellen en nota's oangeande de Fryske taal en ûnderwerpen mei in Fryskeigen karakter, yn it Frysk skreaun wurde moatte. Yn dy gefallen wêryn de behanneljend amtner net Frysk skriuwe kin, bringt de útfiering ekstra fertaalwurk mei him mei. Neffens de Awb moat in yn it Frysk steld skriftlik stik teffens yn it Nederlânsk skreaun wurde as it om algemien binende foarskriften of beliedsregels hannelet of as it skreaun is foar direkte tarieding dêrfan. Yn de praktyk sil dit meastal betsjutte dat twa ynhâldlike gelikense ferzjes skreaun wurde. Yn soksoarte situaasjes jildt de Fryske ferzje as "offisjele" ferzje en sil de Nederlânske ferzje op besjen dellein wurde en is dêrfan op fersyk in ôfskrift te krijen.

Yn de ynterne kommunikaasje it taalbelied fan de gemeente sichtber meitsje.

Wol Dongeradiel yn 'e takomst mear gebrûk meitsje fan it Frysk dan is it needsaak de kunde en (finansjele) kapasiteit te fergrutsjen. Dit freget om in rommer tapassing fan de

stúdzjekostenfergoeding: 100% fan de kosten mei in werombetellingsregeling yn gefal fan it ferwyter net neikommen fan de ferplichtings.

Der moat struktureel oandacht jûn wurde oan de fuortgong en evaluaasje fan it nije belied troch in ynterne wurkgroep.

#### Beliefsfoarnimmens

- Evaluaasjefoarstel maatregel 3: dizze maatregel útwreidzje mei de regel dat riedsútstellen en nota's oangeande de Fryske taal of ûnderwerpen mei in Fryskeigen karakter, yn it Frysk steld wurde, mei achtslaan fan de Awb.
- It op 'e nij ûnder de oandacht bringen fan de regeling foar it meidwaan oan kursussen Frysk (100%-fergoeding).

- It persoaniel wurdt oantrune om mear Frysk te skriuwen. Benammen it ynterne skriftlike ferkear jout dêrta goede mooglikheden: húsformulieren, macro's foar wurklisten, e-mail, personielsblêd De Wandelgangen, ensfh.
- In kar oer de funksje-omfang foar it aktivearjen fan it gemeentlik taalbelied sille wy meitsje nei in evaluaasje, oer twa jier nei it fêststellen fan dit belied.
- Abonnementen op Fryske tydskriften dy't rûn geane binnen de organisaasje.
- In ynterne wurkgroep sil him dwaande hâlde mei de fuortgong en evaluaasje fan it nije belied.

### 3.3.3 Beliedsfoarnimmens

1. Yn de tekst fan Nederlânsktalige advertinsjes opnimmen dat in positive hâlding foar it Frysk of de passyfe behearsking as in pré jildt. Ek de mooglikheid fan in kursus Frysk wurde derby opnommen.
2. By it oanstellingsbelied is de kwaliteit yn it earste plak beskiedend. Yn it ramt fan it nije personielsfoarsjenningsbelied sil it Frysk oandachtspunt wêze bygelyks by it ûnderdiel "doelgroepen".
3. Foar alle meiwurkers jildt, dat der in positive hâlding foar it Frysk oer frege wurdt. Fan it persoaniel wurdt ferwachte, dat it meiwurket oan gemeentlik taalbelied. Dêrfoar is it nedich dat alle persoaniel it Frysk teminsten passyf behearsket, dat wol sizze dat men it Frysk sawol ferstean as lêze kinne moat. Sa nedich biedt de gemeente in kursus oan.
4. It ûnder de oandacht bringen fan de nije regeling foar it meidwaan oan kursussen Frysk.
5. It persoaniel wurdt oantrune om mear Frysk te skriuwen. Benammen it ynterne skriftlike ferkear jout dêrta goede mooglikheden: e-mail, personielsblêd De Wandelgangen, ensfh.
6. In kar oer de funksje-omfang en de finansjele kapasiteit foar it aktivearjen fan it gemeentlik taalbelied sille wy twa jier nei it fêststellen fan dit belied meitsje.
7. In ynterne wurkgroep sil nei de ynfiering fan it nije belied him dwaande hâlde mei de fuortgong en evaluaasje.

#### Stân fan saken 2011

De beliedsfoarnimmens 1 oant en mei 5 binne útfierd sa as de bedoeling wie. Foar punt 3 en 4 wurdt ferwiisd nei ûnderdiel 3.1.6, ûnderdiel Ympulsen 2012-2015: dêr binne de punten 10 oantemei 13 fan tapassing. De foarnimmens 6 en 7 binne net alhiel slagge. Der is tydlik in wurkgroep mei dwaande west.

Wat punt 5 oanbelanget: der is yn 2004 in nulmmjitting holden ûnder de amtners en koartlyn is in enkête holden op Yntranet (2011/2012) om it praten en skriuwen fan ús amtners te hifkjen. Hjir de resultaten:

	2004	2011/2012
Oantal reaksjes	139 (77%)	163
Praat Frysk	69	79
Skriu Frysk	47	52
Praat gjin Frysk	25	32

Hjirûnder is in ferliking mei 2004 oangeande de reeëns om in kursus Frysk te folgjen en as ferfolch dêrop ynterne kursussen Frysk dy 't yn de wurktiid jûn binne (sjoch 3.1). Om de kursussen fol te krijen en kosten te dielen is der kombinearre mei oare gemeenten. Fansels is it ôfwachtsjen hoefolle amtners oft der definityf in kursus folgje sille, mar de reeëns is der yn alle gefal.

Enkête 2004	Dielnimmers	Poll 2011/2012	Ferwachte dielnimmers
Reeëns folgjen kursus	kursussen Frysk	Ferbetterjen Frysk	kursussen Frysk
Ferstean/praten	26	Ferstean/praten	10
Skriuwe	48	Skriuwe	15
Opfriskursus stavering -	6		25

#### Beliedsútgongspunten 2012-2015

De Fryske taal mear stimulearje en twatalichheid in grutter plak jaan by de oerheid. It is saak dat der mear frege wurde sil fan it persoaniel. Dat moat yn elts gefal him it Frysk eigen meitsjen.

Yn de ynterne kommunikaasje it taalbelied fan de gemeente sichtber meitsje.

Wol Dongeradiel yn 'e takomst mear gebrûk meitsje fan it Frysk dan is it needsaaklik om de kunde en (finansjele) kapasiteit te fergrutsjen.

Der moat mear omtinken jûn wurde oan de fuortgong fan it nije belied. De ferantwurdlikens dêrfan leit by it managementsteam.

### **Ympulzen 2012-2015**

1. Yn de tekst fan Nederlânsktalige advertinsjes opnimme dat in positive hâlding foar it Frysk oer en de passive behearsking as in pree jildt. De mooglikheid fan in kursus Frysk wurdt dêrby ek opnommen.
2. By it oanstellingsbelied is de kwaliteit yn it earste plak beskiedend. Yn it ramt fan it personiels foarsjenningsbelied sil it Frysk oandachtspunt wêze, bygelyks by it ûnderdiel "doelgroepen".
3. Foar alle meiwurkers jildt dat der in positive hâlding foar it Frysk oer frege wurdt. Fan it personeel wurdt ferwachte dat it meiwurket oan gemeentlik taalbelied. Dêrfoar is it nedich dat alle personeel it Frysk op syn minst passyf behearsket: dat wol sizze dat se it Frysk sawol ferstean as lêze kinne moatte. As nedich biedt de gemeente in kursus oan.
4. It wer ûnder de oandacht bringen fan de regeling foar it meidwaan oan kursussen Frysk.
5. It personeel wurdt oantrune om mear Frysk te skriuwen. Benammen it ynterne skriftlike ferkear jout dêrta goede mooglikheden: e-mail, personielsblêd De Wandelgangen, Yammer, troch Ynternet der op wize ensfh.
6. Yn dizze perioade (2013 oant en mei 2015) in wurkbudzjet beskikber stelle fan € 10.000,00 yn 't jier foar te ûntwikkeljen aktiviteiten. Dat wurkbudzjet brûke foar it ynfieren fan en ynspyljen op nije ûntwikkelings sa as nije media (Twitter account, Fryske apps fia de webside, ynteraktive Fryske spultsjes, online diktee esf.), promoosje- en ludyke aksjes, priisfraach, oanskaffen fan Fryske materialen ensfh. De ferantwurdlikens fan de útfiering dêrfan by it managementteam dellizze.

## 4. KULTUER

### Omskriuwing hjoeddeistige situaasje

Hoewol't gjin aktyf belied fierd wurdt, nimt de Fryske taal in wichtich plak yn binnen de Dongeradielske mienskip. Njonken it brûken fan it Frysk troch in soad ynwenners wurde der troch it partikulier inisjatyf sa no en dan aktiviteiten organisearre: promoasje fan it "Fryske Boek", Fryske literêre jûnen yn 'e iepenbiere bibleteek, kolleksje Fryske boeken yn 'e iepenbiere bibleteek, mar ek wurde troch toanielferienings stikken yn it Frysk opfierd. Jierliks jout de gemeente in subsydzjebedrach oan 'e AFUK foar maksimaal twa kursussen Frysk foar net-Friezen.

Yn de kultuernota "Efter de kranten wei" is steld dat It Frysk taalbelied yn 'e beliedsperiode fan dizze nota, 2002-2005, in ympuls krije sil troch it stimulearjen en/of it útwreidzjen fan it brûken fan 'e Fryske taal yn 'e kultuersektor, yn dit gefal teaterprogramma, toanielferienings, sjong- en muzykferienings.

Dêrnjonken is de subsydzje oan it AFUK ferhege mei euro 2.269,00 foar it stimulearjen fan it dielnimmen oan kursussen Frysk foar ferskate doelgroepen.

Omtinken foar it Frysk past yn de trend binnen rekreaasje en toerisme dat minsken belang stelle yn it streekeigene, streekhistoaryske, de streekidentiteit en autentisiteit. It Frysk wurdt koartsein sjoen as ûnderdiel fan it toeristysk- en rekreatyf produkt. Lykwols binne de folders hast immen yn it Nederlânsk.

### Beliedsútgongspunten

It stimulearjen fan kulturele aktiviteiten en inisjativen yn it Frysk en it befoarderjen fan de tagonklikheid dêrfan. Op rekreatyf-toeristysk mêd spilet de gemeente in stimulearjende rol as it giet om it brûken fan it Frysk. De rol fan de gemeente is betingsten skeppend.

### 4.1 Beliedsfoarnimmens

1. Yn de beliedsregels foar de ferskate ferienings en ynstellings betingsten opnimme oangeande it brûken fan it Frysk.
2. Jierliks in budzjet beskikber stelle foar befoarderjen Frysk foar it persoanlik yn de kulturele sektor.
3. De gemeente stelt frijwilligers fan kulturele ynstellings en organisaasjes yn de gelegenheid om kursussen Frysk te folgjen. Jierliks wurde der 10 fergeze kursusplakken ferdiel.
4. Yn kultuertoeristyske folders en rûtes rekkening hâlde mei it Frysk; sa no en dan dizze twatalich meitsje.

#### **Stân fan saken 2011**

De beliedsfoarnimmens binne net alhiel útfierd sa as de bedoeling wie. Der is dus oanlieding om de boel op te skerpjen. Dêr moat by opmurken wurde dat it juridysk net mooglik is om "taaleasken" te stellen by de oanstelling fan persoanlik.

#### **Beliedsútgongspunten 2012-2015**

It stimulearjen fan kulturele aktiviteiten en inisjativen yn it Frysk en it befoarderjen fan de tagonklikens dêrfan. Op rekreatyf/toeristysk mêd spilet de gemeente in stimulearjende rol as it giet om it brûken fan it Frysk troch folders twatalich te meitsjen. De rol fan de gemeente is betingsten skeppe.

#### **Ympulzen 2012-2015**

1. Yn de beliedsrigels foar de ferskate ferienings en ynstellings betingsten opnimme oangeande it brûken fan it Frysk.
2. Jierliks in budzjet (€ 2.500) beskikber stelle foar befoarderjen Frysk foar it persoanlik yn de kulturele sektor fan 2013 oant en mei 2015.
3. De gemeente stimulearret frijwilligers fan kulturele ynstellings en organisaasjes gebrûk te meitsjen fan EduFrysk (Afûk).
4. Yn kultuertoeristyske folders en rûten rekken hâlde mei it Frysk troch dy twatalich te meitsjen.



## 5. MEDIA

### Omskriuwing hjoeddeistige situaasje

De gemeente hat yn de lokale hûs-oan-hûs-krante "De Nieuwe Dockumer Courant" in fêste meidielingerubryk wêrby foaral it Nederlânsk brûkt wurdt. Ek yn de gemeentlike website wurdt hast gjin Frysk brûkt. Meidielings fan of oer de gemeente op de lokale radio binne meastal yn it Frysk. Twatalichheid is in seleksjekritearium foar de beneaming fan de programmariedsleden.

### Beliedsútgangspunten

It Frysk en it Nederlânsk op in noflike en oansprekkende manier, njonken inoar brûke yn de gemeentlike media as radio NOF, de Nieuwe Dockumer Courant en yn de gemeentlike website.

### 5.1 Beliedsfoarnimmens

1. Yn de Nieuwe Dockumer Courant hat de gemeente in fêste meidielingerubryk wêrby't fanút de twatalichheid yn dêrfoar gaadlike situaasjes mear gebrûk makke wurde sil fan it Frysk. Itselde jildt foar oankundigings, (famylje)advertinsjes en ferslaggen.
2. Ek op de gemeentlike internet-side sil faker twatalige ynformaasje ferskine.

#### **Stân fan saken 2011**

1. Yn de Nieuwe Dockumer Courant hat de gemeente Dongeradeel in fêste meidielingerubryk. Yn it ramt fan besúnigings wurdt dêr sa min mooglik gebrûk fan makke. Mar yn dêrfoar gaadlike situaasjes wurde der wolris oankundigings yn it Frysk dien.
2. Op de ynternetside fan Dongeradeel binne parten yn it Frysk te lêzen.

#### **Beliedsútgangspunten 2012-2015**

It Frysk en it Nederlânsk op in noflike en oansprekkende manier njonken inoar brûke yn de gemeentlike media as radio NOF, de Nieuwe Dockumer Courant en yn de gemeentlike website.

#### **Ympulzen 2012-2015**

1. Yn de Nieuwe Dockumer Courant hat de gemeente in fêste meidielingerubryk wêrby't fan de twatalichheid út yn dêrfoar gaadlike situaasjes mear gebrûk makke wurde sil fan it Frysk. Itselde jildt foar oankundigings, (famylje)advertinsjes en ferslaggen.
2. Op de gemeentlike ynternetsite sil noch faker twatalige ynformaasje ferskine: dat kin kwantifisearre wurde troch de op te rjochtsjen ynterne wurkgroep. Dêrta is in kommunikaasjeplan opsteld.(taheakke)

## 6. SOSJAAL-KULTUREEL WURK/WOLWEZEN

### Omskriuwing hjoeddeistige situaasje

Op dit stuit is der yn dizze sektor oandacht foar it Frysk troch it oanbieden fan kursussen Frysk by de SWOD.

### Beliedsútgongspunten

It stimulearjen fan aktiviteiten en inisjativen yn it Frysk en it befoarderjen fan de tagonklikheid dêrfan.

### 6.1 Beliedsfoarnimmens

1. Yn de beliedsregels betingsten opnimme oangeande it brûken fan it Frysk en yn de subsydzjebetingsten oangeande de profesjonele organisaasjes opnimme dat de jongereinwurker en de âlderenadviseur it Frysk yn elts gefal aktyf behearsket.
2. De akkommodaasjes fan de Tille en de SWOD brûke foar it oanbieden fan kursussen Frysk.

#### **Stân fan saken 2011**

1. Yn de beliedsregels en de subsydzjebetingsten oangeande de profesjonele organisaasjes is net opnaam dat de jongereinwurker en de âldereinadviseur it Frysk yn elts gefal aktyf behearsket. It hat bliken dien dat dat juridysk net ôf te twingen is.
2. De akkommodaasje fan 't Bolwerk wurdt brûkt foar it oanbieden fan kursussen Frysk.

#### **Beliedsútgongspunten 2012-2015**

It stimulearjen fan aktiviteiten en inisjativen yn it Frysk en it befoarderjen fan de tagonklikens dêrfan.

#### **Ympulzen 2012-2015**

1. De SWD fersykje om oandacht te jaan oan it brûken fan it Frysk troch omtinken te jaan oan de twatalige situaasje.

## 7. SUNENSOARCH

### Omskriuwing hjoeddeistige situaasje

Op dit stuit is der yn dizze sektor gjin spesjale oandacht foar it Frysk.

### Beliedsútgangspunten

De boarger moat yn kontakt mei de soarchynstellings it Frysk brûke kinne.

### 7.1 Beliedsfoarnimmers

1. De gemeente stimulearret dielnimmers yn it gemeentlik netwurk om pasjinten/kliïnten safolle mooglik yn de eigen taal yn 'e mjitte te kommen.
2. Fan de kant fan de gemeente wurdt Frysk yn 'e soarch as tema ynbrocht yn it netwurk fan organisaasjes.
3. De gemeente trunet de direksjes oan om ien en oar as belied te formulearjen en deroer alle jierren ferslach te dwaan yn it jierferslach op grûn fan de Kwaliteitswet Zorginstellingen.
4. De gemeente stimulearret en nimt de foarstap yn it brûken fan it Frysk by de ynterne bebuording en nammejouwing yn de tehûzen.
5. Soarchynstellings wurde stimulearre harren meiwurkers in kursus Frysk oan te bieden.
6. Soarchynstellings wurde stimulearre gebrûk te meitsjen fan it Frysk yn harren PR nei bûten.

#### **Stân fan saken 2011**

Pasjinten/kliïnten fan PASANA wurde sa folle mooglik yn harren eigen taal yn 'e mjitte kommen. It Frysk wurdt net stimulearre.

Yn de jierferslaggen wurdt by dy organisaasje net oer it Frysk praat en is it net as tema ynbrocht.

Yn guon ynstellings fan PASANA is (foar in part) Fryske bebuording pleatst. It belied is der net spesifyk op rjochte om dat mei koarten oeral út te fieren. Dat hat fansels te krijen mei de finânsjen.

Der binne gjin kursussen Frysk oan de meiwurkers oanbean.

Foar PR nei bûten ta is it Nederlânsk de fiertaal, it Frysk wurdt dêryn net stimulearre. In reden is dat der hieltiden mear minsken fan bûten Fryslân en ek fan bûten Nederlân mei PASANA te krijen hawwe.

#### **Beliedsútgangspunten 2012-2015**

De boarger moat yn kontakt mei de soarchynstellings it Frysk brûke kinne.

#### **Ympulzen 2012-2015**

1. De gemeente stimulearje dielnimmers yn it gemeentlik netwurk om pasjinten/kliïnten safolle mooglik yn de eigen taal yn 'e mjitte te kommen.
2. Fan de kant fan de gemeente wurdt Frysk yn 'e soarch as tema ynbrocht yn it netwurk fan organisaasjes.
3. De gemeente trunet de direksjes oan om ien en oar as belied te formulearjen en dêroer alle jierren ferslach te dwaan yn it jierferslach op grûn fan de Kwaliteitswet Zorginstellingen.
4. De gemeente stimulearret en nimt de foarstap yn it brûken fan it Frysk by de ynterne bebuording en nammejouwing yn de tehûzen.
5. Soarchynstellings wurde stimulearre harren meiwurkers in kursus Frysk oan te bieden
6. Soarchynstellings wurde stimulearre om gebrûk te meitsjen fan it Frysk yn harren PR nei bûten ta.
7. De sûnenssoarchynstellings fersykje omtinken te jaan oan dat gemeentlik útgangspunt en da ek bekend te meitsjen oan harren personeel.

## 8. GEARFETTING BELIEDSFOARNIMMENS EN FINANSJELE OERSETTING

HAAD STIK	YMPULZEN 2012-2015	TIIDSPLAN	YNSTELLINGS	MIDDELS
2.1.1	Yn 'e kwaliteitseasken foar bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken omtinken foar it brûken fan it Frysk en de twataligens yn de opfieding.	2012-2015	SFBO/ Gemeente	Budzjet meartalich ûnderwiis-belied
	Noed stean foar genôch materiaal om mei foar te lezen en te sjongen yn de beide talen. In foarbyld hjirfan kin it noed stean wêze foar it oersetten fan (boartersûntdek-) boeken fan it foarskoalse taalstimulearingsprogramma Boekenpret, yn it Frysk foar alle pjutten yn de gemeente.	2012-2015	SFBO/ Pjutteboarters plakken/ Gemeente	Budzjet meartalich ûnderwiis-belied
	Jild beskikber stelle foar it oantúgjen fan materiaal, it byspikerjen en kursussen foar de lieding fan bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken.	2013-2015	Itselde	Budzjet meartalich ûnderwiis-belied
	In jierliks budzjet beskikber stelle foar dielname fan pjutteboartersplakken en skoallen oan it Tomkeprojekt.	2012-2015	Pjutteboarters plakken/basis-skoallen/ Gemeente	Al in 'e begrutting
	Genôch materiaal om te lêzen en sjongen yn it Frysk.	2012-2015	Gemeente/ Bibleteek	Budzjet meartalich ûnderwiisbelied
	Stimulearje om mei te dwaan oan it sertifisearingstrajekt	2012-2015	SFBO/ Gemeente	Fia SFBO
2.2.1	Skoallen stimulearje harren om te foarmjen nei Trijetalige skoallen. Op termyn de helte fan de skoallen trijetalich.	2012-2015	LEA / Gemeente	n.f.t.
	Taalwurkgroep oprjochtsje, wêryn 't alle dielnimmende partijen fertsjintwurdige binne.	2012-2015	SFBO/ Taalsintrum Frysk(CEDIN)/ Gemeente	Budzjet meartalich ûnderwiisbelied
2.3.1	De gemeente trunet de skoallen oan om yn harren skoalleplan in paragraaf op te nimmen oer harren Frysk-taalbelied, sadat dúdlik wurdt hokker plak it Frysk yn skoalle hat en mooglik krije sil. Hjirby sjogge wy graach dat learlingen yn kontakt brocht wurde mei Fryske kulturele úterings.	2012-2015	LEA / Gemeente	n.f.t.
	De gemeente ûndersiket of 't der mooglikheden binne by Dockingacollege en Piter Jellesskoalle om in ferfolchtrajekt op te setten op de Trijetalige skoallen.	2012-2015	LEA / Gemeente	n.f.t.
2.4.1	Yn de produktoerienkomsten mei it Friesland College wurdt fanôf 2013 oandacht jûn oan 'e twatalige situaasje yn ús gemeente.	2013-2015	Friesland College/ Gemeente	WIN/WEB-jilden
3.1.6	By ynstallaasje fan riedsleden kin de eed of tasizzing yn it Frysk ôflein wurde.	2012-2015	Gemeenteried	n.f.t.

	Fryske brieven wurde yn it Frysk beändere. Yn foarkommende gefallen kin it gemeentebestjoer, nei ôfwaging fan de belangen fan de adresearre(n) en de gemeentlike organisaasje, op eigen inisjatyf Frysktalige brieven ferstjoere.	2012-2015	Gemeente/ Management- team	n.f.t.
	Amtlike advizen kinne likegoed yn it Frysk as yn it Nederlânsk skreaun wurde. De kar wurdt oan de amtner oerlitten. Riedsútstellen en nota's oangeande de Fryske taal of ûnderwerpen mei in Fryskeigen karakter, wurde yn it Frysk steld, mei achtslaan fan de Awb.	2012-2015	Gemeente / Management- team	n.f.t.
	Ferslaggen fan de gearkomsten fan de ried skriuwe yn de taal dy 't brûkt is.	2012-2015	Gemeente	n.f.t.
	It hjoeddeiske belied op it mêd fan nammejouwing en boargerlike stân hanthavenje en de twatalige kombuorden kontinuearje.	2012-2015	Namme- advysried/ Publyksaken	n.f.t.
	Foar sa fier de gemeente it foech hat om nammen fan wetters fêst te stellen, kin oansluting socht wurde by it belied strjittenammejouwing.	2012-2015	Namme- advysried/ Publyksaken	n.f.t.
	It fierder útfiering jaan oan de twataligens troch it útfieren fan de oardering "Frysk yn it skriftlik ferkear" (taheakke) en fan de leezjesoardering.	2012-2015	Gemeente	n.f.t.
	De gedrachskoade 2001 fan it kolleezje oangeande it mûnling brûken fan 'e Fryske taal skrasse.	2012-2015	Gemeente	n.f.t.
	De taalomtinkers om de 3 jier wer opfrisse litte mei in kursus stavering.	2013-2015	Gemeente / Management- team /Team Wolwêzen	Ofdielings/ opliedingsbudzjet
	Besykje mear amtners ree te krijen Frysk ferstean, praten, lêzen en skriuwen te learen	2013-2015	Gemeente/ Management- team	Ofdielings- opliedingsbudzjet
	De amtners fan Dongeradeel nijgjirich te meitsjen nei it Frysk troch alle wiken in Fryske siswize op Yntranet te setten en/ of op de ynterne publikaasjebuorden.	2012-2015	Itselde	n.f.t.
	It brûken fan de Fryske taal opnimme litte yn it direksjeplan en ek meinimme yn de kompetinsjegesprekken.	2013-2015	Gemeente/ Management- team/ Direksje en Managers	n.f.t.
3.2.4	Foar meiwurkers mei in dúdlike publyksfunksje jildt it Frysk as funksje-eask.	2012-2015	Gemeente/ Team P & O	n.f.t.
	De tillefoan by de resepsje en it bestjoerssekretariaat wurdt yn prinsipe yn it Frysk opnaam.	2012-2015	Gemeente/ Ofd. Publyksaken.	n.f.t.
	Twataligens tapasse troch antwurdapparaten Frysk/Nederlânsk	2012-2015	Itselde	n.f.t.

	te programmearjen.			
	By de foarljochting oan boargers wurdt yn dêrfoar gaadlike situaasjes gebrûk makke fan de Fryske taal. Nije ynwenners op 'e hichte bringe fan de twataligens yn de gemeente.	2012-2015	Gemeente/ Ofd. Publyksaken	n.f.t.
	Fan út de gedachte mear oandacht oan it Frysk te jaan, yn de foarljochting Fryske eleminten brûke en by ûnderwerpen mei in Fryskeigen karakter, twatalichheid brûke.	2012-2015	Gemeente/ Management-team	n.f.t.
	Sa folle mooglik oersetse fan de gemeentlike ynternetside en yn it hússtylboek it brûken fan it Frysk plak jaan.	2012-2015	Gemeente/ Team Kommunikaasje	n.f.t..
	Opskriften op auto's ensfh. En oare opskriften dy 't net it karakter fan in iepenbiere oankundiging hawwe, yn it Frysk. Dizze maatregel stimulearje troch it der by belûken fan de boargers.	2012-2015	Gemeente/ Ofd. Gemeentewurk	n.f.t.
	De bebuording yn it gemeentehûs by fernijen buorden dizzen oersetse yn it Frysk.	2012-2015	Gemeente/ Management-team	n.f.t.
3.3.3	By it oanstellingsbelied is yn it foarste plak de kwaliteit beskiedend, it Frysk moat oandachtspunt wêze.	2012-2015	Gemeente/ Team P & O	n.f.t.
	Foar alle meiwurkers jildt, dat der in positive hâlding foar it Frysk oer frege wurdt. Fan it persoanel wurdt ferwachte dat it meiwurket oan gemeentlik taalbelied. Dêrfoar is it nedich dat alle persoanel it Frysk teminsten passyf behearsket, dat wol sizze dat men it Frysk sawol ferstean as lêze kinne moat. De gemeente biedt kursussen Frysk oan.	2013-2015	Gemeente / Management-team	Ofdielings-/opliedingsbudzjet
	It ûnder de oandacht bringen fan de regeling foar it meidwaan oan kursussen Frysk.	2012-2015	Gemeente/ Team P&O	Ofdielings-opliedingsbudzjet.
	It persoanel wurdt oantrúne om mear Frysk te skriuwen. Benammen it ynterne skriftlike ferkear jout dêrta goede mooglikheden: e-mail, personielsblêd De Wandelgangen, Yammer, ensfh.	2012-2015	Gemeente / Management-team	n.f.t.
	In wurkbudzjet fia in projektgroep besteegje oan de koördinaasje, it beweitsjen en útdragen fan it Frysk taalbelied mei in bedrach fan 3 x € 10.000,00 (2013 oantemei 2015).	2013-2015	Gemeente/ Management-team/Kolleezje	3 x € 10.000,00
	In projektgroep sil har mei de ynfiering fan it nije belied harren dwaande hâlde mei de fuortgong en evaluaasje fan it belied.	2012-2015	Gemeente/ Management-team	n.f.t.
4.1	Yn de beliedsregels foar de ferskate ferienings en ynstellings betingsten opnimme oangeande it brûken fan it Frysk.	2012-2015	Gemeente/ Kulturele ynstellings	n.f.t.

	In budzjet beskikber stelle foar befoardering Frysk foar it persoaniel yn de kulturele sektor.	2013-2015	Gemeente / Kulturele ynstellings	3 x € 2.500,00
	De gemeente stimulearret frijwilligers fan kulturele ynstellings en organisaasjes gebrûk te meitsjen fan EduFrysk (Afûk).	2013-2015	Gemeente/ Kulturele ynstellings	n.f.t.
	De kultuertoeristyske folders en rûtes twatalich meitsje.	2012-2015	Gemeente/ VVV	n.f.t.
5.1	Yn de Nieuwe Dockumer Courant hat de gemeente in fêste meidielingerubryk wêrby't fanút de twatalichheid mear gebrûk makke wurde sil fan it Frysk yn dêrfoar gaadlike situaasjes. Itselde jildt foar oankundigings, (famylje)-advertinsjes en ferslaggen.	2012-2015	Gemeente / Kommunikaasje	n.f.t.
	Op de gemeentlike internet-side sil faker twatalige ynformaasje ferskine. Dit kwantifisearje troch it kommunikaasjeplan.	2012-2015	Idem	n.f.t.
6.1	De SWD fersykje oandacht te jaan oan it brûken fan it Frysk en omtinken jaan oan de twatalige situaasje.	2012-2015	SWD 't Bolwerk	n.f.t.
7.1	De gemeente stimulearret dielnimmers yn it gemeentlik netwurk om pasjinten/kliïnten safolle mooglik yn de eigen taal yn 'e mjitte te kommen.	2012-2015	Soarchynstelling s/ Gemeente	n.f.t.
	Fan de kant fan de gemeente wurdt Frysk yn 'e soarch as tema ynbrocht yn it netwurk fan organisaasjes.	2012-2015	Idem	n.f.t.
	De gemeente trunet de direksjes oan om ien en oar as belied te formulearjen.	2012-2015	Idem	n.f.t.
	De gemeente stimulearret en inisearret it brûken fan it Frysk by de ynterne bebuoring en nammejouwing yn de tehûzen.	2012-2015	Idem	n.f.t.
	Soarchynstellings wurde stimulearre harren meiwurkers in kursus Frysk oan te bieden.	2013-2015	Idem	n.f.t.
	Soarchynstellings wurde stimulearre gebrûk te meitsjen fan it Frysk yn harren PR nei bûten.	2012-2015	Idem	n.f.t.
	De sûnenssoarch fersykje oandacht te besteegjen oan it brûken fan it Frysk en dit ek kenber te meitsjen oan harren persoaniel.	2012-2015	Idem	n.f.t.

## TAHEKKE 1)

### Noaten

1)

It Europeesk Hânfêst foar regionale of minderheidstalen is op 2 maaie 1996 ratifisearre troch de Nederlânske oerheid. Op 1 maart 1998 is it Hânfêst offisjeel yn wurking treden, om dat it troch teminsten 5 lidsteaten fan de Ried fan Europa ûnderskreaun wurde moast. Foar it Frysk hat it Nederlânske regear him ferbûn oan it útwurkjen fan 48 bepalings út diel III fan it Hânfêst. De bepalings binne ferdielt oer alle domeinen fan it maatskiplik libben. Troch it Frysk as offisjele minderheidstaal te erkennen ûnder haadstik III fan it Europeesk Hânfêst ferbûn it regear him net allinnich oan it beskermjen en yn stânhâlden fan de status quo fan it Frysk, mar ek oan it fuortsterkjen fan de posysje fan it Frysk yn de folle breedte fan it maatskiplik libben yn Fryslân. It ûndertekenjen fan it Hânfêst wie dus gjin frijbljuwende saak.

2)

Lânlik is mei yngong fan 1 july 1995 de wiziging fan de Algemeine wet bestjoersrjocht fan krêft wurden, wêryn't it de legere oerheden yn Fryslân tastien wurdt om it Frysk te brûken yn offisjele skriftlike stikken. Betingst dêrby is, dat der in oerset regeling makke wurdt foar dyjingen dy't de Fryske taal net of net foldwaande machtich binne.

3)

Yn juny 2001 is de tredde Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer ûndertekene tusken it ryk en de provinsje Fryslân. Dizze bestjoersôfspraak is opset neffens de haadstikken fan it Europeesk Hânfêst. De provinsje hat op fersyk fan it ryk de beliedsdoelen foar de kommende tsien jier oanjûn. De provinsje achtet de menulist dy't basearre is op it Europeesk Hânfêst ek in gaadlik ynstrumint foar de legere oerheden om oan te jaan hoe't sy sels omgean wolle mei harren taalbelied. Yn gearwurking mei VFG hawwe der in tal stúdzjebijenkomsten west om dizze wurkwize út te lizzen en oan te rekommandearjen.



## **TAHEKKE 2)**

### **Oardering 'Frysk yn it skriftlik ferkear'**

#### **Konsiderâns**

De gemeenterie fan Dongeradeel:

Yn omtinken nimmende dat it brûken fan de Fryske taal yn it offisjele ferkear stipe wurdt troch de gemeente;

Omtinken jaande oan artikel 147 lid 1 fan de Gemeentewet;

Omtinken jaande oan artikel 2:9 lid 1 fan de Algemene wet bestuursrecht;

#### **Beslút:**

Om de neikommende oardering oer it brûken fan de Fryske taal yn it skriftlik ferkear by de gemeente Dongeradeel fêst te stellen.

#### **Artikel 1: definysjes**

Yn dizze oardering wordt ferstien ûnder:

\* Dûbeltaligens: it tagelyk brûken fan de Nederlanske en de Fryske taal;

\* Twataligens: kar foar de Nederlânske of de Fryske taal;

\* Bestjoersorganen: gemeenterie, it kolleezje fan boargemaster en wethâlders en de boargemaster;

#### **Artikel 2: berik fan de oardering**

Dizze oardering regelt it brûken fan de Fryske taal yn skriftlike stikken fan de gemeente Dongeradeel

#### **Artikel 3: rjocht fan taalkar**

De bestjoersorganen hawwe it rjocht om te kiezen foar it brûken fan de Fryske taal, foar safier't dat rjocht net beheind wurdt troch wetlike bepalings.

#### **Artikel 4: taalkar**

De bestjoersorganen kieze foar it begjinsel fan twataligens.

#### **Artikel 5: kritearia taalkar**

By de taalkar wurdt yn alle gefallen rekken hâlden mei:

- a. De taalkritearia sa't dy dellein binne yn artikel 2: 10 fan de Algemene wet bestuursrecht;
- b. Il belang om deselde taal te brûken as dêr't it bestjoersorgaan yn oanskreaun is [folgjend taalbelied);
- c. De kontinuïteit fan de taalkar;
- d. De bestimming fan de dokuminten;
- e. De konsiderâns fan ôfdieling 2.2 fan de Algemene wet bestuursrecht: 'groter gewicht toe te kennen aan de beginselen van gelijke behandeling en gelijkwaardigheid van de Friese taal in de provincie Friesland.'

#### **Artikel 6: oersettingsregeling**

1. Is in dokumint yn de Fryske taal steld, dan jout it bestjoersorgaan op fersyk in Nederlânsktalige oersetting.
2. Foar in oersetting as bedoeld yn it earste lid, wurdt in fergoeding frege.

3. It bedrach fan de fergoeding wurdt berekkene op grûn fan bepalings út de leezjes-oardering, mar mei net mear wêze as de kosten.
4. In oersetting as bedoeld yn it earste lid, wurdt fergees jûn as it giet om:
  - a. de notulen fan de gearkomste fan in fertsjintwurdigjend orgaan, en it belang fan de fersiker streekrijocht belutsen is by wat notulearre is, of as yn dy notulen algemien ferbinende foarskriften of beliedsregels fêststeld binne.
  - b. in beslút of oare hanneling wêrby't de fersiker belanghawwende is.

**Artikel 7: slotbepalings**

1. Dizze oardering giet yn op .....
2. Dizze oardering kin oanhelle wurde as "Oardering Frysk yn it skriftlik ferkear".

Sa fêststeld troch de gemeenterie fan Dongeradeel op .....